



MORFEUS

YN DE

ÛNDER-

R. R. van der Leest

WRÂID

Morfeus yn de ûnderwrâld

ÚTJOUWERIJ
FRYSK EN FRIJ
Ljouwert
2017

R.R. van der Leest

MORFEUS

YN DE

ÛNDER-

WRÂID

*Dizze útjefte is mei mooglik makke troch:
Boersma-Adema Stichting, Feitsma Fûûns fwear it Frysk,
P.W. Janssen's Friesche Stichting, Douwe Kalma Stifting,
Nederlands Letterenfonds, Provinsje Fryslân,
Wendelaar Bonga Stichting*

Morfeus yn de ûnderwrâld

© 2017 Stichting Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert/
Reinder R. van der Leest, Haren (NB)

Foarmjouwing: Jurgen Jasper, Wychen
Printwurk: CSL, Ljouwert

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn
in automatiseard gegevensbestân en/of iepenbier makke troch
printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker oare wize ek, sûnder
foarôfgeande skriftlike tastimming fan Utjouwerij Frysk en Frij,
Vredeman de Vriesstrjitte 59, 8921 BS Ljouwert.

This book may not be reproduced by print, microfilm or any
other means, without written permission from the publisher.

nur 301
isbn 978-90-8566-051-4

www.frysk-en-frij.nl

MORFEUS YN DE ÛNDERWRÂLD

*Alles is parodie,
Heel dit verdeeld en ontoereikend,
Op weg naar het volmaakte na twee passen
Vermoed bezwijkend
Leven,
Dat zich tevreden stelt met een verveeld
Herhalen
Van overleden manualen
En dat al in principe
Tot niets in staat is dan een uit dépit
Diepzinnig opgevoerde parodie
Van mogelijkheden,
Hoe heerlijk zou het zijn wanneer het ziende
Wat het verdient
Een opera maakte van zichzelf, een clownerie,
Waarin men zingend copuleerde,
Lachend zelfmoord pleegde in onweersnachten,
Uit humor nadacht, zich wenend amuseerde*

Alfred Kossmann: 'Tegenspoed is niet te koop', opera buffa 1953.

Elke oerienkomst mei net-besteande persoanen is tafallich.

1

Hasto dit alris dien? De downen op it Saailân fuorre? Op de treppen fan de Lange Piip tusken de hippys yn it sintsje sitten? De jonges dy't yn simmerfakânsjes om dy stiken stikke litten, op in pear nei? Sûnder in kaartsje in treinreis hinne en werom nei Parys makke?

Dat hat Dynte Planteit allegear dien. En noch folle mear.

De wrâldkampioen skaken ferlokke. In baron ien miljoen fan it liif songen. In minister ta ôfgean twongen en in kabinetskrisis feroarsake.

Dêrby is se sels withoefaak troch de moster fitere. Mar al dy fersetsjes, al dy noeden en soargen, hawwe inkeld in ûnderbrekken fan de ferfeelsumens west. Foar har hâldt it libben gjin opjefte mear yn.

Se libbet no sûnder takomstferwachting. Se hat altyd hope op in omslach, in wûnder. Dat se betrutsen wurde soe by in sinfol ferbân, dat har ferfolle. Mar it is leech yn har bleaun. It grutte wûnder sil toch noait barre.

Se rint starich oer it grintpaad, dat se hatet. Se skopt feninich tsjin in stientsje. It springt fuort en kitst by de muorre op. Se jout in klap op de aluminium plastyk fan Tokonari. Hat se dy sulveren keutel oait moai fûn? Se kin him no net mear rûke. En dêr, dy koperen skipslantearne boppe de doar fan it bordes. It griist har oan.

Se rint de treppen op. Mei de stâl fan in tûnklaower stjit se ta.

Rinkeljend falt har it glês foar de fuotten. De diggels glinsterje as triennen. Se soalt de klaower fuort.

Nier Hinnebruier stoot mei in Ingelse kaai út de garaazje. Wyld sjocht er om him hinne. ‘Ynbrekkers?’

‘Nee!’ ropt se furieus. ‘Ik!’

Suchtsjend lit er de kaai yn de bûse fan syn oerstrûper glide. Hy eaget de glêsskea oer.

‘Jammer,’ seit er, wylst er weromgiet.

Dat reakelt har ferneatigjende oanstriid noch heger op. Se pakt de klauwer wer. Alles moat stikken! Se giet it hûs yn en byldestoarmet troch de hal. Se reaget dêr de gipsen goaden fan it fuotstik. It hele ûnstjerlike Olympise rychje leit te pletter oer de flier.

Wer nimt Nier poalshichte. Diskear lit er it der net by lizze. Hy sil de boel beskermje. Dynte har fernielsucht jildt no him, in stjerlike.

Mar hy stiet steviger op syn fuotstik, him reaget se net samar om.

Se swait bjuster mei de tûnklauwer. De tinen happe nei syn plasse.

Hy springt en raamt. Dêr hat er beet. Se hoarte elk oan in ein.

Ynienen lit Dynte de stâl los, hy jompt achteroer.

Se ritst it hûske yn en slút harsels op. Mar dêr komt se ek net op ferhaal, it wurdt in ôfknapper. Oan de muorre hinget in jierdeikalinder.

Mei har namme! Toppunt fan nearzige húslikens. Se ferskuort de relikwy en spielt de flinters troch. Dan flechtet se nei boppen ta.

Se ropt har de klean fan it liif, ploft op bêd del. Dat bêdet har in bytsje del. Neaken, yn har brûnzen hûd, krûpt se ûnder it koele lekken.

Se docht de eagen ticht. Starichoan sakket de hjitte hei, mar de ûnfrede bliuwt. In ferlangst nei oare tiden en plakken wâlet op.

Unwennigens is de treast foar iensumen. Se dreamt fuort. Sa fier, dat se ynsloppet. Morfeus jout him op har del en lit har rydwjirmje yn in ûnrêstich sliepen.

As se wekker wurdt, slacht de pendule yn de húskeamer twa kear.

Se komt oerein en swait de skonken bûten bêd. It wang, dêr’t se op lein hat, plakt en jocket. Foarsichtich set se de noch sliepende fuot-

ten del. It koarklinoleum fielt noflik kâld. Se teantet nei it finster en stekt twa fingers tusken de lamellen fan de luksafleks troch.

Ljochtmoanne. In ienlik wolkje befat it firmamint.

De hege swarte flammen fan de popels rikke nei de stjerren. Skaadstammen lizze delsein yn it gers. Kwik floeit troch de goaten. Yn de izeren krystbeam fan de antenne sparkelt ingelehier.

Se lûkt de hân werom. Ien stripe bliuwt in bytsje krûm stean. In ljochtsirkeltsje bûkdûnset har oer it liif. It dunet lykop mei har sykheljen. Se spant de spieren, lûkt de bûk yn. De striel siket it nulpunt fan har liif, de nâle. Even is se alhiel wei yn it ljochtpul.

De tongtip kipet har út de healiepen mûle. Se heint it skynsel. It skampet oer de fenusheuvel. Sulver dript fan har skamhier.

Se strûpt in lang en tin oerhimd oan, dat har lea as in twadde hûd omslút. In holbân sûnder fersiering om it hier, dat los oer de skouders hinget en justjes oan de einen krollet. Simmersokjes yn slofkes oan de fuotten. Sa sêftsiden as de pest, mar dêr hat se no gjin euvemoed yn, want it past by har stimming.

Se kriget in hingelkuorke. Dêr docht se toiletpullen yn, in beurs, de pil en in tin folderke. In reinjas teart se der losjes oerhinne. Mei it kuorke ûnder de earm stiet se noch even yn berie. Se skodhollet. Dit is gjin oanstellerij. Har beslútfoarming datearret al fan earjuster. Wolberet teantet se op de doar ta. Dy hâldt al iuwen. Se moat de kruk tagelyk draaie en optille, dan jout it gjin lûd.

Se set it kuorke del. Sa hat se beide hannen frij foar de operaasje. Foarsichtich lûkt se de kruk nei har ta. Se kriget it kuorke en glûpt troch it doarsgat. Op de oerloop stiet se stil. In ljochtstreek ûnder de doar fan de studearkeamer.

Nier sit nei in nachtfilm op de tv te sjen. In fjoerwapengefjocht. Salvo's kletterje as reinwetter op in sinken dakje.

Dynte wit watfoar treden se oerslaan moat, sil de trep net kreakje.

Se giet nei ûnderen en slûpt troch de gong nei de húskeamer. De netgerdinen filterje it moanneljocht. Stiller as in spoek giet se nei de hal, it himd swevet mei.

De foardoar sit op it nachtslot. Twaris draait se de kaai, mei ien hân it lûd fan de klik smoarend. Sintimeter foar sintimeter iepent se de poarte nei de nacht.

In klamme hân op har skouder. Se skrillet. Troch de skok kipert it hingelkuorke en de ynhâld ploft har foar de fuotten. In lampe knipt oan. Nier stiet neist har. Hy lûkt de doar ticht.

‘Wat sil dit?’

‘Fuort,’ seit se op twingerige toan.

‘No noch?’

‘Fuort,’ werhellet se.

Hy kriget de snypsnaren fan de flier en leit dy yn it kuorke werom.

Dêrby fangt er in skym fan de titel fan in flinterin boekje op.

‘Wat is der mei dy?’

‘Neat.’ Har stim is noch like bits.

Mar se lit har toch ûnder sachte twang nei de húskeamer troane.

Se giet mei de rêch nei him ta sitten. Hy rint in healslach om har hinne. Se ferskeukt en sjocht him wer mei de nekke oan. Hy bliuwt achter har stean, leit de hannen op har skouders. Dan begjint se mei in net botte helder lûd te praten.

‘Nier, leafste, ik kin it hjir by dy op ‘t stuit net bankje. Wier, it fljocht

my oan. Ik moat der in setsje út. Net sa lang en ik kom werom as ik my better fiel. Ik moat beslist op ferhaal komme.’

It heart as in fan bûten leard leske. Starich krijt er it foar ‘t ferstân.

De oergong fan sjitten nei bychtsjen is grut.

‘Moannesikens,’ mompelt er.

‘Wat seist?’

'Ferjit it.'

'Ik wol witte, watst sein hast.'

Hy lit de eagen fan harres ôf en seit it súntsjes foar him út. Dan sjocht er har wer oan.

'Wêr giest hinne?'

'Nei it meditatyf sintrum fan Al Pino. Om mysels werom te finen.'

'Hoe lang bliuwst dêr?'

'Dat wit ik noch net.'

'Mei ik op fisite komme?'

'Nee.'

'Alle dagen even belje?'

'Ek net. Foar in setsje helendal gjin kontakt. Sjochst my fansels wer.'

'Ik sil dy moarnier derhinne ride.'

'Hoecht net. Ik rin al sa leaf.'

'Rinne?! Dan bist in dei ûnderweis.'

'Deste better.' Unferwachts draait se de rollen om. No stelt sy de fragen.

'Hasto eins wolris poëzij lêzen?'

'Allinnich op de middelbere skoalle,' andert er earlik. 'Omdat it moast. In pear gedichten fûn ik wol moai.'

'Welke dichters?'

'Marsman, Engelman, Lehmann, Vroman en oare mannen.'

'Wat fûnst fan dy fersen?'

'Faak puberale retoryk. Ik bin net sa dweperich.'

Fûl sjocht se him oan, pylkjes sjitte har út 'e eagen. Mar dy komme net fan Eros.

'Hoe fynsto dan de lantearne boppe de foardoar?'

'Och, dy mei ik wol lije.'

'En it byld fan Tokonari?' 'Dat is moai.'

Se fljocht oerein.

‘Ik bliuw net mear by dy!’

‘Dat wist ik al.’

Se pakt it hingelkuorke, docht in pear stappen en stiet stil.

‘Ik gean fuort!’

‘Ja, ik hear it wol.’

Se stampfuottet.

‘Ik gean toch fuort! Ik bin baas yn eigen boek!’

Yn ’e flecht wei jout se him in tút op it iene wang en in flik op it oare. Se slacht de foardoar achter har ticht.

De kalk snijt fan it plafond.

Bûten is it labberich. De frisse nachtlucht balsemt har brânderich gesicht. Se skynmoannet troch de tún. In blaumetalen glâns huvert har om de fuotten. In sigentsje fronselt de fiver yn sulveren rimpels. Iensum rint se troch it leechlân fan har depresje.

Noch ien kear sjocht se oer it skouder. Tusken de beammen hinget it ferljochte fjouwerkant fan in finster. As har de triennen yn de eagen springe, wurdt it in stjer. Se winsket har leafde dea en de rein drippend fan de tûken.

2

EKSPOSYSJE FAN 101 NALEN. Strak stiet it spandoek foar de printkaartblauwe loft lâns.

It ûntholle liif fan Sjappy hinget achteroer en rûngear yn in stoel. Dy stiet op twa poaten skean tsjin de muorre. In fersketten griene (blauwe? pearse? oranje?) sombrearo dunet oer de fetweagen fan syn pampus. Tommen stekke tusken brede galgen en in streekjesboesgroen. Skonken yn spikerbroek rêste op in molkbus. Sjappy einet ûnderoan yn sandalen. Hy is de gelokkichste man fan de wrâld, want hy slept mei in moaie dream.

In earmoedich katsje stekt it hiem oer. It rint foar har tinhierrich sturtsje út, dêr't de punt fan wimpelt. It miauket binnenbeks. Der is neat mear om op te gobberjen. De lêste mûzen binne fertard en de foardielpûden mei fakuümferpakte fleisbrokjes kin it net mear troch de kiel krije. It trippet nei de baas ta. It rûkt oan syn grutte swittean en begjint dy te slikjen.

Sjappy skrikt wekker. Hy lûkt mei beide hannen de sombrearo fan de holle en skoddet de sliep fan syn ûnmeksikaansk gesicht. Hy stoarret nei syn teannen. Hy oefent dermei, as in pianist dy't stive fingers hat. Hy sjocht twa katten foar him, reaget se fuort. It iene bist komt iderkear werom.

Hy klaut in havanna achter it ear wei en poatet de stjonkstok tusken de dosken. Mei de flakke hân bemept er himsels, op 'e siik nei it doaske lúsjefer. Tusken de healswarte swevelprikjes sit noch ien

mei in kop. Foar't er de sigaar yn 'e brân hat, blaft er him al útinoar. Hy knikt berêstend. It docht him gjin niget, mar hy kin it net litte. Hy giet stikken oan drank, tabak en froulju. Noflik djip sûcht er de reek yn de longen.

In set letter komt er oerein yn slowmotion. Hy stekt de tommen wer achter de galgen. Selsfoldien sjocht er omheech nei de loftreklame. Hy sleepsoallet nei it bûthús ta.

Dêr steane gjin kij yn, mar hingje foto's. Hûnderttsien swartwyt close-ups fan in frouljusliif mei de nâle yn it midden. Utfgergrutte op in formaat fan sechstich by sechstich. De hûd hat in kerrelige struktuer, sânich binne de gloaiïngs. As tsjustere heimsinnige kraters lizze nâlen yn in moannelânskip. Oaren iepenje langjend de tsjerk nei de sinne.

De keunstwurken hingje trijeresom oan de handersketten. Troch de rûtsjes yn de bûtenmuorre falt in poerbêst strykljocht. Foar dûnkere dagen binne tsjin de graubalken neonlampen oanbrocht. Kroanleeljes, titelroazen en sweltsjebloemen bloeie yn de groeppen. Poefs steane ferspraat oer de mielgong. Foar de tuskenmuorre lâns is in bar mei blinkende taap en hege krukjes.

Sjappy giet nei in foto ta. Hy docht de hannen op 'e rêch. Foar de safolste kear stiet er dit stik te begapjen. Wat in nâle! Fierwei de moaiste fan de kolleksje. De moaiste dy't er oait sjoen hat. En sa fotosjenyk. As in smachtsjende mûle dy't justjes iepen stiet. En skean dêrûnder in lytse maal, as in skientmeplakje op in wang. Hy fisket in kartontsje út de bûse. Op de blanko achterkant kwattelt er mei in timmermanspotlead 'FERKOCHT'. Hy stekt it oan in rustige spiker ûnder de foto.

Dan kriget er de trije mannen yn 'e smiis, dy't by de iepen doar omgnuve. Sjappy stapt op harren ta. It ynformele oerlis stûket. It rûntsje fan mannen wurdt in rychje.

Yn 'e midden boargemaster Van Pompom. Hy hat it der wer foar top bystean. In smetleas maatpak fan ûnbelekke snjit. In ultrawyt oerhimd mei kanten kraach. In swarte flinterstrik, sa grut as in fleugelmoerke. Hy wurdt fansiden stien troch twa fjildwachters. In jonge hoanne, dy't fan opwining in kaam krigen hat en in âld rot, dy't yn it fak ferskierke is.

'Olee,' groetet Sjappy. Hy swingelt hertlik de hân fan it gemeente-haad en knikt de liifwacht minlik ta.

'Wat in ferrassing! Dat jo no de earste binne!'

'Ik sil de lêste ek wol wêze,' seit de boargemaster twang. Dy lit Sjappy mar fleane. Artysten roppe by hege amtners altyd wantrouwen op. Dat woartelt yn in minderwaardichheidskompleks.

'Sil ik jo omliede en útlis jaan?' freget er hoflik.

'Ik bin gjin útlis fanneden.'

'Jo wolle sels even rûnsnuve?'

'Ik haw al genôch sjoen.'

'Wat sizze jo derfan?'

'Rânestêdeftige dekadinsje,' oardielet it foechhawwend gesach batsk.

'Moderne keunst,' ferbettert Sjappy.

'It mom foar smearlapperij.'

'Dizze útstalling is nei foarm en ynhâld in wrâldpremière.'

'Perversiteiten fan in troch ende troch siik brein.'

'Fisueel keunstner,' ferbettert Sjappy. Hy ferbyt syn argewaasje.

De ein fan syn havanna liket de teraffele huls fan in stik ûntploft fjoerwurk.

'Hawwe jo by it tariesden fan dizze tentoanstelling help fan oaren hân?' wol de boargemaster witte.

'Jawis.'

'Fan wa?'

‘Fan al dy froulju.’

‘Hawwe se har frijwillich bleatjûn?’

‘Jawis. Mar se holden allegear in slipke oan.’

‘Dêr sjoch ik op de foto’s neat fan.’

‘Nee, dat haw ik weiwurke.’

Van Pompom rjochtet de rêch. ‘Ik lit de namme fan ús skoander doarp net besmotskje. Hjir moat ambachtlike folkskeunst komme.’ Sjappy spuit it oerskot fan de sigaar út. ‘Jo hawwe sels fergunning foar dizze útstalling jûn!’

‘Dat is in jammerdearlik fersin. Ik tocht dat it om sinesappels te rêden wie.’

‘Dan ha jo myn fersyk om fergunning foar dizze útstalling net goed lêzen,’ docht Sjappy him te ferstean.

‘Ik haw in ambtlik apparaat dat my fan alles op ’e hichte hâldt.’

‘Ja, dat sjoch ik.’ Sjappy knikt nei de fjildwachters.

Van Pompom rjochtet de rêch wer en steekt it kin omheech.

‘Untromje!’

De fjildwachters steane al yn starthâlding. Noch ien kommando en se barste út.

‘Untromje!’

Se sjitte suver út de skuon. Begearich stekke se de kloeren nei de foto’s út. Se klauwe de handsketten leech, sûnder by al dat moais stil te stean. Se binne gjin nâlestoarders.

Bryskens sjocht Sjappy de ûntmanteling fan syn libbenswurk oan. It fielt, oft er fan ûnderen nei boppen folrint mei wythyt stiel. Van Pompom set in heech krop en sil it bûthús fierder yn stappe. Sjappy krollet de woarstfingers. Ien mûtele fûst wurdt mei in soad oertsjûging yn it boargemastersgesicht plante, de oare dolt yn de nekke. Massa kompensearret it tekoart oan faasje. Dêrnei twa lompe stompen op de wangbonken. Van Pompom siicht del.

‘Arrestearje!’ brijket er noch.

De plysjes komme fanwegen. De jonge hoanne blokkearret de útgong. De âld rot nimt Sjappy foar syn rekken. Dy saait him in poef nei de harsens. Hy heint klamfêst, mar kriget al in lykwichts-steuring.

Sjappy is al healwei de mielgong. Hy saait poefs mei grutte pre-sizens. De iene nei de oare slingerwerp fjocht de plysjes om de earen. Mei foarsprong bebokselt er de tuskenmuorre. Hy lichtet de klink fan de doar, jompt in keamer yn en skoattelt de doar. As de skou-ders fan de plysjes dy bewurkje, is hy al yn it foarhûs. Hy knoffelt nei bûten ta en sigesaget tusken strúskebeieistrûken troch. Hy dûkt troch in droege sleat in lân mei maïs yn. Noch even ferriede golvjende kolven syn paad. Dan kjiffe de pipermûzen en rilje de mollen wer.

De fjildwachters rinne nei de bûthúsdoar. Elk stoot in kant út. By de sydmuorren lâns moetsje se inoar op ‘e stoepe. Tagelyk sille se ta de foardoar yn.

‘Do dêr, ik hjir,’ wiist de âld rot yn echte polisjonele telegramstyl.

De jonge hoanne skonket it hiem op. Hy trêdet troch it hûf. Hy pikt in sombrearo op. Mear fynt er net. Hy klapwjukket nei in katsje, dat him iderkear foar de poaten rint. Dan sjocht er in knikte stâl oan de râne fan it maïslân. Dat strykt syn moedfearren wer op. Ynearsten kin er it spoar moai folgje. In print hjir, in fertrape blêd dêr. Mar starichoan ferslacht er deryn. Der rinne wol mear spoaren deselde kant út. En as er it maïslân út is, sjocht er noch gjin flechtling. Hy giet werom nei syn superieuren.

‘Hy is dat op gien.’ rapportearret er.

De âld rot hat ûnderwilens yn blessueretiid de boargemaster wat behimmele. Dy kin teminsten wer oan it folk sjen litten wurde. Van Pompom stint oerein. Hy blaast in plúske fan syn pak en

ferfettet syn gesach.

‘Alle foto’s yn de auto lade.’

De plysjes sjouwe, de boargemaster stapt by de handersketten lâns. In pear foto’s binne noch hingjen bleaun. Hy kriget de ferkochte nâle en set dy apart.

3

Knyntsjedagen foar Nier. No hat er it ryk allinnich. Hy is der nochal flegmatyk ûnder.

De dei begjint mei de moarnswijing. In oerâld ritueel, dat him ôfspilet op de fjouwerkante meter ûnder de telefoanbrûs.

Dêr stiet er. Hy hat spiersterke skouders, mar gjin bodybuildersromp. Wol in platte bûk. Dat wurdt neffens in enkête troch 13% fan de ûnderfrege froulju tige wurdearre. Hy is aardich grut en hat ticht donkerbrún hier. Dat docht oan syn score ta (10%). Syn slankens is lykwols wichtiger. Dat achtet 15% it bêste fan syn uterlik. Noch grutterpart fynt syn eagen it moaiste: in kombinaasje fan skerpens, oprjochtens en seks (17%). Hy hat lange, net al te behierre skonken en in smelle stevige brits. Krekt dit lêste foarmt syn alderbelangrykste oantreklikheid (39%), al hat er dêr sels gjin weet fan. It oansjen fan syn slachte is folle lytser at er sels tinkt. Mar 2% fan de ûnderfrege froulju hat dêr niget oan.

Hy rost him droech en strûpt de klean oan. Dan giet er nei bûten ta en hellet de post en de moarnskranke út de bus oan de dyk. Hy set him oan de keukentafel del en sortearret. De finster-sluven leit er sûnder iepen te meitsjen fansiden, want dêr sit toch noait wat aardichs yn.

Ut de trijestjerren koelkast kriget er wat him noasket en út de breatromp de lekkerste bôle. Hy follet de foarrie wer oan mei in poarsje út it djipfriesfek. Hy nimt it der goed fan. Underwilens lêst

er de krante (de strips en it waarberjocht).

Dêrnei slút er it hûs ôf en giet nei de garaazje. Tiid foar de deistige útflecht. Hy jout syn nije oanwinst in fertroulik klapke foar de kont.

In 1938 Lagonda Drophead Coupé. It koetswurk yn de kleur fan messing: giel mei lichtsjes in griene skyn. Spatbuorden en tredplanken donker wynread. Allyksa de metalen beskermers om de reservetsjillen, oan wjerskanten fan de motorkape. Brune kofferbak, swart dak. Bannen mei wite siden. It stjoer oan de rjochterkant. Wat sil de jet-set fan Fryslân him hjir wer oer besauwe! Hy nestelt him yn in stoel fan echt lear, ferrjochtet wat magise hanne-lingen en de auto snúft fuort.

Meast makket er in ommelânse reis nei Ljouwert.

Underweis giet er by in pear pleisterplakken oan. Yn de stêd makket er in stedskuier. Net neffens it boekje fan de VVV mar op eigen manneboet. Hy kuiert de monuminten fan syn filmferline bylâns. De Noarderbrêge, de Harmony, de Westertsjerke, it Prinsessehôf, de Aldehou, it Saailân en it Paleis fan Justysje. Mylpeallen yn in stikje eigen skiednis. En dêrnei sit er op in bankje yn de Prinsetún, far from the madding crowd.

Tsjin 'e jûn set er altyd op restaurant 'It Seewiif' oan.

Dêr bestelt er alle dagen wat oars. Op it rychje ôf nimt er de haad-gerjochten fan it menu. Hy yt en keurt.

Dan giet er mei in lange omreis nei hûs en sjocht by in ôfsakkerke nei de telefyzje. As der aktualiteiten, fraachpetearen of stomme spultsjes op binne, draait er de knop om en lêst wat.

It is fakânsjetiid en foargoed simmer. By no en by dan swaait er moarns ôf nei it natuerbad by Ald-Appelskea. Hy swimt ien kear hinne-en-wer oer de breedte fan it djippe. Dêrnei giet er in setsje plat op it liif yn it sân lizzen. Hy sjocht nei de brúnzen strânbylden

fan froulju. Nei spjochtige famkes yn twadielige badpakken, dy't bedekke moatte wat se net hawwe. Nei walrussen fan kearels, dy't op 'e rêch yn ûndjip wetter lizze mei in transistor op de bolle bûk. Dan komt de dei, dat er it net mear uthâldt. Hy hat ferlangst nei Dynthe. Se is no al fjouwer wike fuort. Se hat neat fan har hearre litten. En hy hat gjin kontakt socht. Dat wie de ôfspraak. Mar dêr kin er him no net mear oan hâlde. Hy sil net belje, hy wol har sjen. Hy rydt daliks nei it meditatyf sintrum fan Al Pino. By de ferboude herberch tusken Hoarnstersweach en Sparjebird stapt er út. De bûtenkant is noch itselde as earst. Wite muorren yn fekwurk fan âlde swarte balken. De oes fan it tek is mei de hân te rikken. In hege skoarstien, in grutte wynwizer oan de oare kant op de naad. Glês-yn-lead rûtsjes mei blinen, foar de meastepart ticht. Mar oer de doar yn de steande gevel gjin úthingboerd mear.

Nier stapt troch de tún. Wat is dy feroare. In kreas oanklaude sânbak mei de ôfprinten fan de tinen yn in dekoratyf patroan. En in pear glêde balstiennen. Wa't dêr net oer meditearje kin, is in harsensleas wêzen.

Hy draait de klink, de doar wol net iepen. Hy besiket omdoch mei de klopper it hillige hûs te ûntsluten. Dan giet er achterom.

Op in gersfjildsje wol tweintich bylden yn lotushâlding.

Allegear rjochtop, de hannen op 'e knibbels fan de krúslingse skonken en mei de eagen ticht. Inkeld ûnbeweechlike frouljusfiguren.

Nier rint dertuskentroch en dan sjocht er dat it libbene minsken binne. Se hâlde in wedstriid yn it stilsitten. Hy giet se

allegear bylâns. Dynthe is der net by en eins docht him dat wol deugd. Wat soe sy tusken al dy tsjirmers sykje?

Fierderop sjocht er Al Pino, ek yn lotushâlding. Hy sit neist in motormeanderke en hat syn alpenklots derby ôfsetten. Hy slacht gjin each op as Nier tichterby komt. Dy is sa fatsoenlik en steur

him net yn syn meditaasje. Hy set him oan de oare kant fan it motor-meanderke del, net yn lotushâlding. Hy brekt in gerske ôf, begjint derop te kôgjen en wachtet.

It duorret in ivichheid. Einlings komt beweging yn Al Pino. Hy skodhollet wat djippere gedachten fan him ôf en docht de eagen iepen.

‘Goeie,’ seit Nier.

‘Wolkom,’ begroetet Al Pino hertlik.

‘Wêr is Dynte?’

‘Dynte?’

‘Ja, Dynte. Se hat dy al ris mei in miljoen stipe foar dit sintrum, wilst wol?’

‘Dynte is hjir net.’

‘Is se fuortgien?’

‘Se hat hjir noait west.’

‘Dat lychst toch?’

‘Feitwier.’

Se geane tagelyk oerein.

‘Se soe hjirhinne,’ seit Nier.

‘Wannear?’

‘Fjouwer wike lyn.’

‘Wêrfoar?’

‘Om harsels werom te finen.’

Al Pino flokt. ‘Dan hat se harsels ûnderweis ferlern.’

‘As se mar gjin ûngeluk hân hat,’ oertinkt Nier.

‘Dynte rint net yn sân sleatten tagelyk.’

‘Nee, mar se slacht al in moanne allinnich yn Fryslân om.’

‘Ik sil dy helpe om te sykjen.’

‘Lit dat mar oan my oer. Do hast ommers net iens in auto.’

Nier skonket nei syn wein.

‘Hâldst my op ’e hichte, hear ik der noch wat fan?’ ropt Al Pino him ta.

‘Yn it folgjende haadstik.’

‘Net ferjitte. Oant dan.’

Mei de hele wrâld op ’e nekke rydt Nier nei Ald-Appelskea werom. Elk mooglik of ûnmooglik nûmer bellet er. Ek de plysje. Gjinien hat Dynte sjoen, gjinien wit wêr’t se is.

Syn rie te’n ein hellet er it hûs oeral. Hy siket noch mear memo’s mei nammen en telefoannûmers. Se hat aardich wat klanten en botte oarderlik is se net. Mar hy fynt inkeld âlde kunde.

Yn it berchkeammerke is mei de jierren in part fan har replik guod opslein. Spinreach fan oantinkens hinget yn de hoeken. Dêr steane ek de boeken en boekjes, dy’t net by it âld papier bedarre binne. Hy sjocht nei Dynte har letterkundige samling. ‘DE AVEN-TOEREN FAN FLOPPY EN STOMPY’, in rige berneboekjes. Dan falt syn each op trije dichtbondeltsjes. Hy kriget it middelste fan de planke en blaast it stof derôf. ‘DE MUZE OP REIS.’ It kaft is fergiele, de rêch in bytsje útskuord en der sitte brune spikkeltsjes op. Hy slacht it iepen. ‘Zijnde een bloemlezing van verzen handelend over de reislust, de reisangst, de uitreis, de thuisreis en de reiziger zelf.’ Utjûn yn 1950. Yn de rjochter boppe-hoeke is mei potlead in priis skreaun, trochstreke, dêrûnder stiet in folle leger bedrach. Dynte hat dizze bondeltsjes grif twaddehâns kocht. Hy bringt him te binnen, dat op it boekje, dat se meinommen hat, ek ‘FERSEN’ stie. Ja, syn Muze is op stap, mar hy wit net wêr’t se úthinget.

De telefoan yn de hal rinkelt. Hy is sa yn omtinken wei, dat er it net heart. Wy fernimme it wol. De telefoan rinkelt wer. Wy roppe, mar hy heart ús net. Wy sitte yn de beheining fan dit boek. Lit ús dy bining ferbrekke en him warskôgje. Wy sille nei him ta,

fluch nei boppen. Op de oerloop stoot er by ús lâns, de treppen del. Wy kinne him sa gau net folgje. Dêrom kinne wy ek net neikomme watfoar boadskip er krijt.

‘Nier Hinnebruer.’

...

‘Wat?’

...

‘Wêr moat ik wêze?’

...

‘Goed.’

...

‘Ik bin net idioat.’

...

‘Alf oere dus?’

Hy leit de hoarn op 'e heak. Syn gesicht stiet soargelik. Hy pakt it lêste stealtsje whisky om him moed yn te drinken. By it ynjitten rikketikket de flessehals tsjin de glêsrâne. Tsjuster bekrûpt de keamer. It is betiid dûnker, it hat in broeierige dei west, de loft set oan. De earste drippen petse tsjin de ruten en it ljochtet al achter de beammen.

4

Healwei alven. Hy stjoert syn Lagonda Drophead Coupé oer it wiete asfalt. Of leaver, de wein rydt himsels. De bannen lûke in spoar dat daliks wer fol rint. De tonger is fan de loft, mar it wetter net. De rein trippet mei tûzen mûzepoatsjes oer it foarrút. De motor gnoaret as in tefreden boarre. Rutewiskers swaaie en nûnderje.

Nier nûndert net. Hy hat noed mei Dynte. En in bytsje mei himsels. It hert bonket him tsjin de ribben, hy moat hieltyd slokke. De tonge fielt te grut foar syn mûle en is rou as skuorpapier.

Hy rydt by Easterwâlde en Donkerbroek lâns. Skimerlampkes dikerje troch betrienne ruten. Achter elk ferljochte finster sitte lju yn in kykkast te sjen. Herhelling fan de earste ôflevering fan in ienentrichdielige searje. Elk húske hat syn tv-krúske. Hy hat in oar krús, de soarch oer him en syn neiste.

No en dan skuort in oare wyldjeier him út it reingerdyn temjitte. Skrille eagen fan koplampen, in flapwyn yn it foarbystrûzen, in reade sturt fan ljochten. Strangers in the night. Dan is er wer mei syn swierrichheden allinnich.

Even foarby Duerswâld, noch foar it Alddjip, stjoert er nei de kant ta. Starich rydt er hûndert meter by de berm lâns. Dêr is it. Hy swaait in sânreed op. Nei in skerpe bocht in ferbreiding. In bank fan twa stronken mei in planke deroer. In peal mei in giele blikken ôffalbus. Der leit mear ûnder as yn. Brutsen flessen, skimmelige bôle, trochplakt papier, mayonêzekladden.

Achter de foarposten fan in pear misfoarme dwerchspjirren de rjochte wâldreuzen fan in spoekich bosk. Hjir moat it wêze. Hy set de motor ôf, dôvet de lampen, makket de feilichheidsriem los. Stilsittend en in bytsje foaroer leunend wachtet er, de ûnderearms op it stjoer, de hannen gear.

Hy wachtet tsien minuten. Hy sjocht hoe't de ferljochte sekonde-wizer fan syn polshorloazje mei lytse skokjes ferspringt. In wynfleach skoddet de beammen. Fûl kletterje slingerdruppen boppe syn holle op de kap del. Hy huvert. Ut en troch fernimt er it rûzeljen fan in auto oer de dyk, as in sucht út in oare wrâld. De tiid sloert foarby. De grutte wizer krûpt nei de boppeste streek ta. It is al oer alven.

Einlings heart er lûd achter him. In skjirjen oer de koffer. Hy knypt it stjoer hast fyn. Mar hy beweecht him net en wachtet op it iepen-dwaan fan de rjochter doar. Dat is de ynstruksje. De eagen prykje him pynlik, de earen sûzje. Starichoan beseft er, dat er neat mear fernimt. De ynspanning fan it oandachtich stilsitten ferstivet him. In kertier letter lûkt er de gefoelleaze hannen fan it stjoer en wriuwt se oer de knibbels.

Foarsichtich stapt er út. Hy set de kraach fan de jas omheech, lûkt de klep fan de pet djipper oer de eagen. Hy knipt syn bûslampe oan en rint fuotsje foar fuotsje om de wein hinne. It sân sodsket by elke stap. As er oan de achterkant fan de auto komt, begjint er te klappertoskjen. Hy skrillet tebek en siicht op de houten bank del. Hy byt op 'e tonge om it net út te razen. De bûslampe ûntslûpt him, mar hy hat it sjoen.

In man hinget op 'e rêch oer de bumper. Ien skonk rjochtút, de oare knikt. In earm nei achteren stutsen, de hân om de bumper kramme. De oare hân omklammet in pylk, dy't út in eachgat stekt. Skean nei de harsens ta.

Nier taast nei syn bûslampe. Rjochtsje kin er noch net. It skynsel dûnset oer de deade man. Hy hat iishockeyklean oan. In blauwe trui mei oerdwere streken om it liif. Op it boarst grutte griene sifers, nûmer 48. In swarte broek mei twa wite streken yn 't lang. Giel en blau ringe hoazzen. Riuwskuon sûnder redens. De stick leit ûnder him op de grûn. Gjin slachhout, mar in fjoerwapen. It brede ûnderein de kolf fan in gewear, de stâl is de loop.

As er net mear trillet en wat ta it sicht wend is, komt Nier oerein en strampelt tichterby. De iishockeyspiler hat in plastic keepersmasker foar, mei iepeningen foar noasters, eagen en mûle. Ut ien fan de kykgatten stekt de pylk, mei stjurre bloed deromhinne. De rein fertinnet it. In ljocht-read waas gliert oer it masker. Ut it mûlsgat sipert brûs.

Syn earste gedachte is om fier fuort te rinnen. Syn twadde om gau fuort te riden. Syn tredde om dat nei de plysje te dwaan. Mar hy kin net mei in deade iishockeyspiler op 'e bumper oansetten komme.

Hy knibbelt. Hy knikt ien foar ien de krûme stive fingers fan de bumper ôf. As de hân frij is, giet er wer oerein en stekt de bûslampe tusken de toskten. Hy slacht de hakken yn 'e grûn, skoot de earms ûnder de man syn skouders en hoksen, tilt him op. In swiere hys. Hy kin de skonken net mear ûnder it gat hâlde, stapt oer de foet. Hy ferliest it hâld, lit de fracht snappe en dy ploft yn it sân. Dêrby knoffelt er sels ek. Hy klapt yn krûphâlding oer de man hinne, mei de noas tsjin de pylk. Hy rûkt bloed, stint en klaut oerein. It lyk rêst net mear op de auto, hy kin teminsten ride.

Mar hy skytskoarret. As er nei de plysje giet, wit er noch net wat fleis er op 'e bumper hie. Dizze man wist grif mear oangeande Dyn-te. Want it is wol heel apart dat ien op sa'n oere krekt op it ôfsprut-sen plak omwaret. Hy is no dea, safolle is wol wis. Mar wa seit, dat

er gjin hantlangers hat, dy't Dynte fêsthâlde? En de plysje mocht der net yn behelle wurde, dy warskôging oer de telefoan wie dúdlik. Nier stiet foar in dilemma. Hy sil earst sels de identiteit fan de man fêststelle moatte.

Hy knibbelt wer en wrot de iishockeytrui omheech. By it skynsel fan de bûslampe sjocht er in kûgelfrij fest. Hy skuort de sluting iepen. Dêrûnder in baaien himd. Hy dolt yn de klean om, as in hûn nei in bedobbe bonke. Hy klaut yn alle hoeken en gatten, ek yn de iishockeybroek. Hy fielt skouder-, knibbel- en skynbonkebeskermers. Hy hellet in pear wanten mei kapen foar it ljocht, stekt de fingers deryn, fielt neat. Lûkt de deade de skuon út. Giet alles nei wat ta de útrissing fan de iishockeyspiler heart. Hy fynt gjin legiti-maasjepapier, gjin inkele oanwizing.

Hymjend komt er oerein. It reint no by amerfollen.

Fertwivele sjocht er op it lyk del. Dan strûpt er de wanten oan en pakt de pylk beet. Hoeden lûkt er oan de skacht. Der komt gjin ein oan. Bloedbrobbels gjalpe út it kykgat. De pylk bliuwt achter it masker stykjen. Hy draait de skacht, om de punt foar de iepening te krijen. Hy moarrelt as mei in kaai, dy't net út it slot wol. It stûket noch. Hy skuort mei beide hannen. It plastic splyt iepen, de drip-pende pylkein komt derút. Hy sil de pylk fuortsmite. De hân fan de deade hâldt him fêst. De pylk swaait even, sakket dan wer mei de punt nei it eachsgat.

Nier set de knibbels op de earm fan de man. Sa ûntwrakselt er him de pylk. Mei dikke kleverige fingers triuwt er it masker omheech. Hy sjocht it oerbliuwsel fan in gesicht. De iene helte is in reade kladde, dêr't it spegelaai fan in each yn driuwt. De oare is noch in bytsje minsklik. Hy faget it mei de want skjîn. In beslein krinte-each, in ferstive kakwang, de stompe hurde kwast fan in snor. 'Eameliter,' prevelt Nier.

De man dy't er twa boeken earder foar it earst sjoen hat. Dy't him fan 'e jûn belle hat om hjir te kommen. Nei dizze stille deadebetinking wurdt Nier wer superaktyf.

It skynsel fan de bûslampe bibbert oer in helm, ûnderst-boppest neist in achtertsjil en healfol reinwetter. Dan oer in foedraal, dat ûnder de auto leit. De rits is al iepen, hy kin de hân der samar ynstekke. Dat docht er ek. Hy fielt wer neat, it is leech. Hy rûst it foedraal like lang as de hockeystick. De slúf foar it sjitwapen, fansels. Mar der mankearret noch wat oan de útrissing. Redens. Wêr binne dy bedarre?

Hy beljochtet it moardplak en ûntdekt in glinstering tusken it rûch. Dêr lizze se, der sit gjin kraske op, nagelnij. Mei klammen dy't om de rânen fan de skuon passe. Frjemd foar iishockey. As er de rubberen beskermers fan de izers ôflûkt, sjocht er, dat de gliders flymskerpe messen binne, dy't losheakke wurde kinne.

De twadde beskermer dy't er besnúft, fynt er in opteard papierke yn. Hy pjukket it derút. Hy teart it iepen, strykt it glêd. In side út in aginda. By woansdei, tongersdei en freed stiet in getal skreaun. It middelste is itselde as syn telefoannûmer. De datum strykt ek. Hy stekt it dokumint by him. Hy hat teminsten in bewyske fan in bewiis foar syn oanwêzigens hjir. Dat moediget him wat op. No gau de plysje warskôgje! Net allinnich hjir noch omgrieme. Oare minsken helpe litte, se dogge it ommers graach.

Mei ôfgriis sjocht er op de bludderige bargeboel del. Dy hat er sels foar in part makke. Hoe hat er him sa gean litte kinnen? De plysje sil der wol wiis mei wêze. Hawwe se teminsten in fertochte. De hear N.H. te A.-A. Welja, hy hat omraak op in bult fan read sân omklaud. Miskien falt it noch ta, hooplik wisket de rein de spoaren út, soks hat er al ris lêzen. It is it bêste en behelje in oar deryn. Dat swakket de fertinking fan him ôf. In oar sil de plysje warskôgje en

hjihrhinne stjoere moatte. Dan kin hy sa lang de wacht hâlde. Hy fotteldrafket nei de dyk ta. Hy giet der middenop stean, swaait mei de earms. (Krantesitaat: Zo wist hij de aandacht van een passerende automobilist te trekken.) Ferjit it mar. Dizze nacht beride alle foarbykommende automobilisten oare wegen. De dyk bliuwt tsjuster en stil. Nei in kertier hat er it wol besjoen. Hy sil sels nei de plysje ride moatte.

Nier drafket werom. Hy stapt yn de kabine, start de motor, stekt de koplampen oan. Wylst er de auto swaait, strykt it ljocht oer de grûn. Gjin lyk, gjin bloed, gjin hockeystick. Neat. It sân leit moai flak. Hy stiet stil.

It kâlde swit brekt him út. Wezenleas stoarret er nei it lege ûnheils-plak. Sûnder besleur set er de motor ôf, docht de lampen út. Al soe er eins bliid wêze moatte om it wei wurden fan it korpus, hy sit wer oan kop en earen ta yn de misdie. De lea befalle him. Skjin oanein fan de alteraasje lit er de holle op it stjoer sakje. Hy slept de sliep fan de ûnwittendheid. Morfeus yn de ûnderwrâld.

5

Lit ús gean dan, do en ik, dizze tongersdeitemiddeis, fan de bosk by Duerswâld nei Ljouwert. It is soel sinneskynwaar en it Fryske gea glânzet.

Dêr leit Oerterp, dêr't ús-pake-en-dy wennen yn in hûs mei in lytse hôf en in tún fol blommen. Dêr is Oerterp oan de Feart, dat gjin feart mear hat. Dêr is Drachten, sûnder tsjerkedraai, sûnder haadbrêge en sûnder tramstasjon. Wêr't ús oare beppe wenne, dy't sokke lekkere stip meitsje koe. Wêr't ús pake mei koperen bingel en skel as doarpsomropper troch de buorren gyng. Sorry, ik bin mankelyk dizze reis.

De Folgeren, De Pein, Nyegea en Nyegeasterhoeke, dy't gjin hoeke mear is, mar in flauwe bocht yn 'e dyk. Sumar en Burgum, mei in oar stjonkfabryk. Wat is Quatrebras sûnder boarterstún en hege beammen? In deableek krúspunt fan rykswei 43A en rykswei 39. Yn Hurdegaryp wenje mear stedsjers as doarpslju en is Ljouwert al te rûken. Swarteweisein, kearpunt op ús Omgang fan de Kanterlannen, as wy jagen op ús fytsen sûnder fersnellings. De Lytse Wielen dy't grut wurden binne en de Grutte Wielen dêr't hast neat fan oerbleaun is. Sorry, ik bin mankelyk dizze reis.

En ast noch net genôch fan myn nostalgise oantinkens hast, kom dan mei nei de Emmakade.

Dêr siet se op in mierpeal. In iensum fûgeltsje, dat de moaie fearren net opstrutsen hie. In hingelkuorke stie neist har. Se stoarre by it

roer fan in rêstend beurtskip lâns yn it swarte wetter. Miuwen kriesden, saaiden oer mêsten en dûkten op it eigen spiegelbyld del. Dynte hie troch heel Fryslân swalke. Se wie net ta harsels kommen en likemin ta him. Earst hie se har ljocht opstekke wollen by syn printer, mar dy bestie net mear. It antikwariaat dêr't se it boekje kocht hie, koe har ek net fierder helpe. Se hie sels in pear dagen op Flylân trochbrocht om neifraach te dwaan. Alles omdoch. Har tinzen holden mar yn de doetiid ta, se wie der noch net út. O, se soe wolle dat se inkeld fysike behoeften hie. Dat wat se lichaamlik die, har befredigje koe. Gjûn boeken lêze, skilderijen sjen, muzyk beharkje. Gjûn artystyk gedoch. Allinnich mar bestean. En soms dat net iens. Mar se koe dy gedichten net út har gedachten sette.

Dêr kaam in muonts yn in brune pij oansetten. Syn oandacht wie op 'e himel rjochte en hy seach it hingelkuorke te let. Hy strofefe, it hânsel bleau him oan in foet hingjen. It kuorke kipere en de ynhâld rûgele oer de strjitstiennen.

'Ik smeeke om ferjouwing,' sei de muonts. Hy dûkte him en die de spullen wer yn it kuorke. Syn keale gielige plasse stuts út in krans fan wyt hier. Krekt in healdoppe aai. It tinne dichtbondeltsje hold er langer fêst. Hy lies de foar- en achterkant en kaam starich oerein. Dynte hie it kuorke al oan de earm. Hy lei it folderke deryn. Se knikte him ta.

'Ik bin ek dichter,' sei er kliemsk.

'Soa? Hoe is de namme?'

'Leonardus.'

'Nim my net kwea, noait fan heard.'

'Ik bin ek in ûnbekende dichter.'

'O ja?'

'Ik wol neat publisearje.'

‘O nee?’

‘Ik rin net mei myn gefoelens te keap, sjoch.’

‘Dus jo hâlde jo gedichten foar josels?’

‘Gjin gedichten. Teksten. Ik bin tekstdichter. Ik skriuw se net iens op. Se sitte hjir allegear.’ Hy tikke him mei de platte hân op ’e plasse.

‘Mei ik sa’n tekst ris hearre?’ frege Dynte.

‘Ik sis myn teksten ek noait op.’

‘Dêr leau ik neat fan,’ glimke se.

‘Fuort dan mar, omdat jo it binne.’

Hy sette him yn postuer.

‘Nachtskea,’ deklamearre er.

Se wachte in set, want se tocht dat it de titel wie.

Mar der kaam neat mear.

‘Toe, fierder,’ trune se oan.

‘Dat is alles. Ik bin minimalist, sjoch. Wat binne jo?’

‘Keunstleafhawwer.’

‘Gjin artyste?’

‘Nee, net as sadanich bekend.’

‘Hoe is de namme?’

‘Dynte Planteit.’

De tinne bleke lippen krollen justjes.

‘Noait fan heard,’ sei er.

‘Dat kin de bêste oer komme.’

‘Geane jo mei nei myn ivoaren toer?’ frege er ûnferwachts. ‘Dêr binne myn keunstbruorren ek.’

It minimalisme wie Dynte frjemd. Se woe it net feroardielje, foar’t se der witten fan hie. Dus stapte se mei de geastlike op.

Hy hie in aparte manier fan rinnen. De holle stuts fier foarút,

lichem en earms bleaune ûnbeweechlik. Hy skode oer de dyk. It wie

krekt, oft er op in karke ûnder syn pij ried. It gyng hurdernôch. De útpluze einen fan it tsjokke tou om syn mul dûnsen op-en-del. Se kamen troch achterôfstrjitsjes. Dêr wie de wrâld tichtplakt mei krantepapier. Allegear fergiele Ljouwerter kranten foar de ruten fan ûnbewenber ferklearre wenten. Mar yn guon huzen holden wol minsken ta. Hjir en dêr hong in flarde goare fitraazje, stiene stoffige kaktussen yn it finsterbank, skimeren grûnige gesichten.

‘Hjir is it,’ sei Leonardus.

Se stiene foar in âlde wettertoer, net fier fan it spoar.

It tapske ûnderstik wie fan rustreade stien. Dêrop stie, heal sa heech en breder, in houten silinder. In pear fjouwerkante rûtsjes as eagen ûnder de hoed fan it pandak. Om de toer hinne in ferbûge mânsel-heech izeren stek. Dêrachter de raljes fan in fabryksspoar, oerwoekere troch piipkrûd. Fansiden de pokdobbige bline muorre fan in heech wenhûs.

De muonts treau mei it skouder it knarsende stek iepen. Tusken brânnettels en dûkerige oaljefetten troch gyngen se nei in doar. Leonardus seach omheech. Hy makke fan beide hannen in toeter en joech in Tarzaneftige gjalp. Boppe-yn de toer gyng in rûtsje iepen. In hân kaam derút en liet wat falle. Leonardus besocht it te heinen, mar miste. It stuite op en bleau doe lizzen. In kaai. Hy makke de doar iepen, taaste om ’e hoeke. In string fan blauwe lampkes flikkere oan.

Oer stiennen draaitreppen spiralen se omheech.

Helendal boppe wie in oerloop. Dêrwei rûn in tsjustere trochgong nei in fjouwerkant ljocht gat yn de muorre. Se kamen yn in keal fertrekje. Twa muontsen mei strakke gesichten stiene har op te wachtsjen.

‘Broer Nikodemus, musikus, ‘ makke Leonardus bekend.

Nikodemus joech Dylte in slop hantsje. Se moast alle war dwaan

om it net te brekken.

‘Broer Teodosius, skilder,’ sei Leonardus.

De hân fan Teodosius wie glibberich as in fiskesturt.

‘En dit is Dynte Planteit,’ song Leonardus gregoriaansk.

De gesichten fan syn keunstbruorren ûntspanden. It like wol, oft by har it waar ynienen omsloech.

‘Krije jim noait froulju oer de flier?’ frege se plan-út.

‘Wy kinne ús sels wol bedrippe,’ glimke Teodosius minlik.

‘Wy binne it trijefeintehûs, mar net fan Schubert,’ nokkere Nikodemus mei in kopstim.

En mei in sweevjend hantgebaar: ‘Set jo del.’

Se skikten oan in kleastertafel en keuelen wat. De muontsen praten alle trije like kliemsk, wiene tige freonlik, net oansjitsk.

‘Fertoan dyn keunsten, ‘ferbruts Leonardus it pizeljen. Nikodemus kaam oerein en krige in bas fan de flier. Der siet mar ien snaar op. Hy skermesearre mei in strykstok en lei dy doe och sa foarsichtich op it ynstrumint. Noch foar’t er begûn te seagjen, wie er al yn ekstaze. Hy skodde sa, dat de wangen him lillen. Hy stie der rûngear en bryk by. Ynienen knikte syn holle achteroer, hy stoarre nei boppen. It wyt fan de eagen rôle ûnder it triedsjeblau fan de lidden. Dêr kaam de earste toan! Mar dêrnei folge neat. Earst in heel skoft letter spile er de twadde. Presiis deselde en like lang. Wer hold er op. Doe fiif toanen op in rychje. Allegear gelyk fan hichte, doer en sterkens. By setten ûntlokke er noch in pear brommen oan it ynstrumint. Hieltyd deselde.

Dynte lei de skonken oars. It jokke har oeral. Sokke muzyk waard se krevelich fan. Einlings seach se oan de solist, dat it stik dien wie. Hy lei foar munt oer syn bas.

‘Mei oerjefte spile,’ sei se. ‘Mar wol ientoanich.’

‘Dan hearre jo it ferkeard,’ hime Nikodemus. ‘Jo moatte net nei de

muzyk, mar nei de stilten harkje. Hawwe jo dy klimaks fan stilten wol merkbiten? Kom, ik sil it opnij spylje.'

'Elk krijt in beurt,' besliste Leonardus. 'No earst Teodosius.'

Dy gyng har foar nei in grutte rûne romte. Dêr hing oan kettings in kolossale lape wyt skilderslinnen, opspand yn in houten ramt. Se skatte it hast trije meter heech en mear as sân breed. Der siet noch gjin ferve op.

'Myn aldernijste,' sei Teodosius.

'Wat moat it wurde?' woe se witte.

'It is al klear,' ferklearre er. 'It grutste monogrome doek fan de moderne skilderkeunst.'

'Mar it hat ommers net iens in kleur.'

Teodosius skodholle by safolle ûnbenul. Hy wiisde op in ynskripsje ûnderoan yn 'e midden fan it ramt. Dêr stie de titel fan it skilderij.

'Wa is bang foar wyt? XXIII.'

'It is ien út in searje,' ljochte er ta.

'No witte jo wat it minimalisme ynhâldt,' sei Leonardus, doe't se út it atelier kamen. 'Wy slute ôf mei in brousel fan eigen fabriikaat. Gjûn trappistebier, mar in ekskwys elikser. Ik sil it helje.'

Se tocht by harsels, dat sil wol in drip yn in fingerhoed wurde. Mar hy kaam werom mei fjouwer buorrelgleskes fol. Net sa minima-lis-tys. It elikser hie in dûnkerbrune kleur, krekt hoasterssjerp.

It wie swiet, mar net mjitsk. It smakke in bytsje nei gimber. Se fûn it lekker, naam in pear swolchjes achterinoar. Al by de tredde slok lei se ûnder wetter yn in akwarium. By de fjirde stie se op 'e kop yn in draaikolk. Se rekke los fan de doetiid en waard nei it djipste fan nacht en ûntiid sûge.

6

Se komt by yn de notiid.

Se hinget krusige yn in houten ramt sûnder doek. De earms en skonken wat útinoar, touwen om ankels en polzen. Fêstmakke oan de boppeste en ûnderste latte. De touwen spanne strak, se hinget yn in heale split.

De bynmiddels hawwe grif earder mulbannen foar de muontsen west. Trije stringen siselto, stiif yninoar draaid, mei in knoop oan de úteinen.

Se kin har hast net ferroere, inkeld de holle wat bewege. Dan docht it hingjen noch searder. Dy pine ferneart se om wat mear te sjen.

Skean ûnder har, neist it ramt, stiet it hingelkuorke.

Alles leit der noch yn. Har toiletspullen, in strypke mei de pil, it dichtbondeltsje, sels har beurs. Har reinjas is der net by. Dy sjocht se wat fierderop op in stoel lizzen. Oer de flier, by de muorre lâns, steane blanko skilderijen en ek it grutte masterwurk fan Teodosius.

Se is yn syn atelier.

Achter in tichte doar fernimt se lûden. Kocheljen, fuotstappen, brimmen. Gjin praten. Sels kin se gjin wurd útbringe. Har is helen- dal it swijen oplein. Troch twa brede pleisters, oer de lippen plakt.

Ek krúslings.

Ynienen rinkelt in telefoan. Ien fan de muontsen jout lûd. 'Ja? ...

Dy hinget hjir noch ... Wat oars! ... De los- priis ... Ofpraat ...

Hjir fansels ... Yn ús âlde wettertoer ... Goed.'

De klik fan de hoarn op de heak. 'Hy komt deroan.' 'Dat sil tiid wurde.'
 'Wy hawwe lang genôch wachte.'
 Wer is it stil, op kocheljen, fuotstappen, brimmen nei. In skoft letter: 'It duorret lang.'
 Nei in set in oare stim: 'Hy moat fierwei komme.'
 'As er it jild mar by him hat.'
 En nei in lange stilte: 'It is al middei.'
 Dan klingelt in skel. Stommeljen. 'Ik gean.' Sjoelfuotsjen dat fuortgiet. Wer stilte. Lûden dy't oanboazje. Stappen dy't driftich neieroan komme. Gjûn langhalige gregoriaanse sangen mear, mar in drok fjouwerstimmich resitatyf.
 'Hohoho.'
 'Dit giet samar net.' 'Jo binne ûnwolkom.' 'Jo ha sels iependien.'
 'Dat rint mar daliks troch nei boppen.'
 'Wêr moat ik hjir oars hinne rinne?' 'Nei ûnderen.'
 'En bûtendoar bliuwe.' 'Jo ha my deryn litten.'
 'Ik tocht dat jo Eameliter wiene.'
 'Gelokkich net. Ik bin Sjappy.' 'Derút.'
 'Ik wol earst foto's meitsje.' 'Hjir net.'
 'Ik bin keunstfotograaf.'
 'Wy binne echte keunstners. Minimalisten.' 'Ik haw wol in zoomlins by my.'
 'Wy moatte neat fan foto's hawwe.' 'Ik kom ek net foar jim.'
 'Wêr dan foar?' 'Dynte Planteit.' 'Dynte Planteit?'
 'Ik wol foto's fan har nâle meitsje.'
 'Wa is Dynte Planteit?' 'Sille jim net witte.' 'Nee, dat witte wy net.'
 'Ik rûk frouljusfleis.' 'Wy hâlde gjin froulju.'
 'Ik haw har hjir sels yn gean sjoen.' 'Wa?'
 'Dynte Planteit. Justermoarn en se is noch net wer nei bûten ta

kaam.’

‘Unsin.’ ‘Kletsika.’ ‘Gekkepraat.’

‘Ik haw jim doar heelyd yn ’e gaten holden.

Der binne mar twa yn en út gien.’

‘Wa dan?’

‘Hy. Hy brocht Dynte Planteit mei.’ ‘En dy oare?’

‘Dat wie in man yn in iishockeypak.’ ‘Der is hjir gjin Dynte Planteit.’ ‘Wiswol.’

‘Dy is hjir net.’

‘Siswol.’

‘Sisnet.’

‘Swol.’

‘Snet.’ ‘Oempfff.’

Ien maat rêst. Trio. ‘Paksty.’

‘Bliuw fan myn apparaat ôf.’ ‘Ik sil it.’

‘Wa’t oan myn apparaat komt, komt oan my.’ ‘Ik smyt it by de treppen del.’

‘Haw it hert ris.’

‘Oempfff.’

Twa maten rêst. Duet.

‘Oempfff.’

Trije maten rêst. Aria.

‘Sisa.’

Se heart noch wat stommeljen en even letter poarjen oan ’e doar. Dy knalt iepen.

‘Kristensiele!’ flokt Sjappy yn styl as er it skilderstik sjocht. Hy hellel in knyft út ’e bûse en fiket de byntouwen troch. De boppeste moat er foar op in stoel stean gean. Se skuort sels de pleisters fan de mûle.

Triennen springe har yn ’e eagen fan it pimperjen fan ankels en

polzen. Se stiet rûngear, wriuwet earms en fuotten. Dan saksearret de pine. Se rjochtet de rêch en knikt Sjappy ta. Hy knikt werom, suchtet fan ferromming en kriget it tastel, dat him om 'e nekke bongelt.

'Ik wol graach in foto fan dyn nâle meitsje. De foarige is my ûnt-nadere en ik haw gjin negatyf.'

'Goed.'

'Soe it no daliks kinne? Hjir falt in moai strykljocht.'

'My bêst.'

'Gean dêr mar stean.' Sjappy set syn tastel yn 'e oanslach.

Se stelt har skean ûnder in rût op, dat heech yn de muorre sit. Se lûkt de tinne jurk in ein omheech en hâldt dy ûnder de earm fêst. Mei ien hân strûpt se it slipke nei ûnderen. 'Sa?'

'Ut 'e keunst.'

It opnimmen duorret net lang. Yn in omsjoch hat er in hele searje foto's makke.

'Noch even wachtsje.' Hy slingert it tastel oer it skouder op 'e rêch. Dan hallet er in oar apparaat út de gulf. It kwik stiet der al op.

Hy giet yn har en joetst himsels út 'e naden.

'Klear,' gibet er. 'Roefdy.'

Dat lit se har gjin twa kear sizze. Se foddet it slipke op, de jurk del, pakt har reinjas en naait út. Achter de doar leit Nikodemus op ien ear foardel oer de flier. Teodosius hinget dwers oer de kleastertafel, de earms bongeljend oan de iene kant, de skonken oan de oare.

Foar de trochgong nei it trepsgat rêst Leonardus plat op 'e rêch, de eagen ticht, de hannen gear en de fuotten oerinoar. Se stapt oer him hinne en roffelst by de treppen del.

Sjappy dindert achter har oan. Hy lûkt de bûtendoar ticht en folget har troch it iepen stek. Noch even rinne se lykop, dan giet elk in kant op.

Dynte nei in útfalsdyk en Sjappy nei syn ûnbewenber ferklearre wente. Se kriget in skrik as se merkt, dat se har hingelkuorke stean litten hat. Mar se doar net werom om it te heljen.

7

As Nier wakker wurdt, fielt er him krekt it hartsje Bamby út de tekenfilm. Om him hinne de dieren fan de bosk. In iikhoarntsje sit op de motorkap te snútwaskjen. In blauspjocht hinget op 'e kop oan in rutewisker en tikket tsjin it glês. Twa boskpipers meitsje rare minen yn de blinkende dop fan de radiateur. Op de spatbuorden stekke twa wâldmiezen de snaffeltsjes byinoar en konkelfoezje. In houtdo set in heech krop, wylst er in tomke fan de koplampe ôfwrot. In túfmies op de oare lampe strykt de floddermûtse glêd. Op de tredplanke foar it iepen portier sitte rjochtoerein fjouwer knyntsjes. De plomkes wispelje, se hâlde de foarpoatsjes krûm en de fochtige noaskes lûke oan ien tried troch, oft se prúste moatte. Hy soe se sa opfrette wolle. Net inkeld omdat se sa aardich binne. Gjin Bamby. De Grutte Boaze Wolf hat honger. Hy gappet de bek waachwiid iepen. Deabenaud flechtsje alle dieren nei in feiliger stee. Nier grommelt. Hy tilt himsels achter it stjoer wei en sjaggelt nei it ûnheilsplak. Gjin lyk, gjin bloed, gjin spoaren. Hat it dan toch in eangstdream west? Waarje yn dizze bosk noch nachtmerjes om? Hy huvert. De dampe klean plakke him as seemlear oan de hûd. Hy stapt yn. De motor ferpoft it earst ek noch. Stienkâld fansels. Hy moat wol fiif minuten de choke brûke. Einlings slacht de motor oan. Dy wol net fersûpe. Hy rydt op hûs yn. Dêr sneupt er earst alle kasten nei. Hy fynt noch oardel rol moalkoekjes en in skronfelich bloedsinesappeltsje. Dat is syn moarns-

iten. Mar it is al hast middei. Hy hat in gat yn 'e dei slept. Hy set him oan it skriuwburo, helle it optearde agindablesje út de bûse. No begjint it speurwurk, no komt it derop oan. Hy moat nuansarre neitinke.

Trije getallen, it middelste is syn telefoannûmer. Dan mei er oannimme dat dy oaren ek telefoannûmers binne. Duvels dat by it boppeste gjin kengetal stiet. En hy aventoeret it net om de ynljoch-tingentsjinst te freegjen. It soe erchtinken wekker roppe kinne. Syn nûmer stiet by tongersdei. Hy is juster belle, dat strykt. Dus sil it earste nûmer, by woansdei, earjuster wol oan bod west hawwe. Hy sil dêrmei begjinne. As it gjin nûmer yn Fryslân is, kin er de hele wrâld wol belje. Hy sil it der dus foar hâlde, dat it yn distrikt Ljouwert is. Hy pakt it telefoanboek derby.

It getal bestiet út fiif sifers. Inkeld Drachten, It Hearrenfean en Ljouwert hawwe sokke telefoannûmers. It earste sifer is in 2, dus it kin Drachten net wêze, want dêr begjinne se allegear mei in 1. Bliuwe oer It Hearrenfean en Ljouwert, dy't beide as earste sifer meast in 2 of in 3 hawwe. Om't Ljouwert grutter is as It Fean, begjint er dêrmei. Hy oefent even lûdop mei de stim, dy't er sette moat. As it him net mist, hie Eameliter in leech, sunich, wat seurderich lûd.

Hy klaut de hoarn fan de heak en draait it kengetal 05100. Foar't er it nûmer folgje lit, prevelt er in koart gebedsje. It rinkeljen oan de oare kant fan de line brekt abrupt ôf. Hast fuortendaliks wurdt opnommen.

'Ja?' It heartsuver swietmûlkjend.

Hy slokt en stelt de hamfraach.

'Eameliter. Wêr is Dylte Planteit?'

'Dy hinget hjir noch.'

Hy falt hast fan himsels. Hy gappet nei wurden.

‘Libbet se?’

‘Wat oars.’

Hy fermannet him. ‘Ik helje har op.’

‘De lospriis?’

Hy is op it wurd beret. ‘Nim ik mei.’

‘Ofpraat.’

‘Wêr moat ik it ôfjaan?’

‘Hjir fansels.’

It kin net oars, hy moat dêrop troch freegje. As dit mar net misbe-
teart. Hy byt op 'e toskten.

‘Wêr is hjir?’

‘Yn ús âlde wettertoer.’

‘Ik kom deroan.’

‘Opsjitte.’

Nier ferbrekt de ferbining. Hy lit in swiere sike. Wat in dreech
petear. Mar hy is wiis mei himsels. Dit hat er toch mar moai foa-
rinoar bokst. Hy moat him net bliid tinke. It stiet der mei Dynte
noch slim foar. ‘Us âlde wettertoer,’ sei de man. Der binne nei alle
gedachten mear dy't har fêsthâlde. Eameliter hie nûmer 48. As der
no mar gjin sanenfjirtich kriminelen binne. Dan is der foar him
gjûn begjinnensein oan.

Ljouwert hat twa wettertuorren. Dy oan de Grinzerstrjitwei is noch
net sa'n âldenien. It sil wol dy by de Skrâns wêze. In lospriis waard
frege. Dat docht er net, hy hat trouwens gjin jild. Hy stiet yn berie,
oft er Dynte har revolver meinimme sil. Dy leit boppe yn it laad
fan it nachtkastje. It is mar sa'n lyts ding. Hy lit it oergean. In revol-
ver kin er net goed mei sjitte. Hy hat ek noch in karabyn, mar dat
grauwe ding kin er net weimoffelje. In mes. Dêr is er ek net betûft
mei. Hy sil it mei de bleate fûst dwaan moatte.

No avensearje! Hy drafket nei de garaazje, start syn Lagonda

Drophead Coupé en kringt him ûnderweis troch trije files en twa ferkearsopstoppings hinne. It begjint al wer te reinen.

Yn Ljouwert fynt er frij plak by in stikkene parkearmeter. Hy stapt út en docht de auto op slot. Geandefoet stekt er op de âlde wettertoer ta. Hy komt troch suterige strijtsjes. Op brokkelige stoepen stea-ne brike lantearnepeallen, dêr't fytsbannen omhinne mikt binne.

Dêr is de wettertoer. Hy bliuwt even stean en eaget it operaasje-terrein oer. In rustich stek mei skerpe punten stiet in bytsje iepen. Dat is gjin hinderpeal, hy kin der tuskentroch. By brânnettels en oaljefetten lâns giet er nei in grutte griene doar. Derneist stekt in izeren pin mei in knop út 'e muorre. It swit stiet him yn 'e hannen. Hy faget se droech oan 'e broek en lûkt.

In belle skellet, it wjerlûd galmet omheech en wurdt suniger, oant it mar in klingeljen is. As dat ophâldt, wachtet er noch in minút. Dan leit er ien hân op de doarskruk en triuwt mei de oare. De doar draait wrachtsjes iepen. Hy glûpt deryn en sjocht omheech. Stienen draaitreppen, ferljochte troch in spiraal fan blauwe lampkes. Hy fernimt gjin lûd, it bliuwt stil. Foarsichtich set er de foet op de ûnderste tred. By de muorre lâns, de grutste draai nimmend, sa skoot er nei boppen ta. Hy lit de eagen net fan it trepsgat ôf.

It duorret in ivichheid foar't er op in oerloop komt.

Dêr is in trochgong. Hy triuwt him mei de rêch tsjin de muorre en gluorket om it hoekje. Oer de flier leit in muonts. Hy sil krekt oerein klauwe. Nier is yn twa stappen by him en jout him in oplazerus. De muonts sakket yninoar en falt langút op 'e rêch, de skonken oerinoar hinne, de hannen gear en de eagen ticht.

Nier rint nei de iepening yn de muorre en sjocht de boel troch it gat. In muonts komt oanwankeljen. Se wankelje al as se my sjogge, tinkt Nier selsfoldien. De muonts gloereaget en sil derop yn rame.

Mar Nier is him foar mei in kaakslach. De muonts syn holle draait mei troch it geweld en hy giselt yn 'e rûnte, klapt foardel op in kleastertafel, gliert der oerhinne en bliuwt mei bongeljende earms oan de iene en slingerjende skonken oan de oare kant lizzen.

As er útskommele is, merkt Nier noch in muonts. Dy leunt tsjin in doar en sjocht al sa sûgich. Of hy ferkeart yn heger sfearen, of hy hat te djip yn 'e romer sjoen.

Nier syn flitsende fûst bedarret middenyn it gesicht. Hy slacht him it fel oer de eagen. De muonts makket in koprol en sacket yn in rûngear protsje oerside.

Noch mear muontsen? Hy mei se rau. Ta syn fernuvering binne der net mear. Mar hy komt hjir ek net foar geastlik fiedsel. Hy moat Dynte hawwe. Foarsichtich makket er de doar iepen.

In ljochte romte, rûnom grutte opspande skildersdoeken. En in leech ramt mei trochfike touwen. Dynte har kuorke oer de flier. Dêr skrikt er fan. Hy kin it fan tinken wol hawwe. Hjir hat se hongen. Mar wêr is se no? Hy fljocht by alle doeken lâns, tusken stuollen en skragen troch, sûnder achtslaan fan gefaar foar himsels. Gjûn Dynte, gjûn muonts. Hy stoot werom nei it fertrekje, nei de oerloop. Nerges sjocht er oare tagongen, of tekens dy't nei har ferwize. It spyt him no ta de teannen út, dat er alle trije muontsen delsein hat. Dy sizze gjûn wurd mear. Hy hie se martelje kinnen, oant se wat loslieten.

Hy hellet it hingelkuorke en giet nei wat deryn sit.

Itselde as doe't se fjouwer wike lyn by him weigong. In goed teken? In faai? Wa sil it him sizze? Do net. De beurs fielt wat platter. Dy befettet inkeld wat lytsjild en ek yn har ritstaske sitte allinne mar toiletspullen.

Sil er hjir wachtsje? Faaks komme der aanst noch muontsen, dy't him wizer meitsje kinne. Strak ferskynt de hele oarder. Of ien fan

dizze trije komt wer by. Mar der kin ek in binde iishockeyspilars opsetten komme. Dan sit er moai yn 'e falle. Hy beslút earst nei syn feilige basis wêrom te gean. It kuorke nimt er mei. Dat is syn ienige hope en treast. Mei in swiere mûtse op rint er by de treppen del. Bûtendoar spielt it. Hy is dweiltrochwiet as er by syn auto komt. Hy dûkt deryn en rydt de stêd út. Krekt oer it Van Harinxmakanaal, koartby Goutum, skimert yn de skierens in frouljusfiguer mei in reinjas oer de holle. Se swaaait. Hy nimt oars noait lifters mei, mar dit begruttet him. Hy mindert gong, rydt har foarby en hâldt oan de kant fan de dyk.

De liftster makket sels it portier al iepen.

'Nier!'

'Dynte!'

Wat in wersjen.

8

De oare deis wiene se wer op ferhaal kommen. Nei in lange noflike nacht hiene se ynslach makke by de pleatslike supermerk. In rynsk moarnsmiel wie beslikke en no sieten se wat nei te pizeljen by in kop kofje en in stik âld wiif.

‘Dus dy muontsen ha dy in duvels elikser jûn. Doe bist fan ’t stokje gien en ophongen. Hast Eameliter net sjoen?’ ‘Nee, hy moat yn de wettertoer west ha, doe’t ik bûten westen wie.’

‘De muontsen ha oan him in lospriis foar dy frege.’

‘Dan hearre se net ta deselde binde.’

‘Eameliter hie in iishockeypak mei nûmer 48 oan. In grutte mis-die-dorganisaasje moastst rekkenje.’

‘Dat seit noch neat. Miskien operearre er allinnich. Fryslân sit fol ûnderwrâldfigueren, dy’t har earst yn de provinsje wier meitsje moatte.’

‘De plysje is net tûk genôch.’

‘De plysje? Wat soe de plysje no? Dy is ûnderbeset, fierstentemin mankrêft.’

‘Yn elk gefal ien nûmer minder. Eameliter is dea. Teminsten, dat tink ik. Wy moatte de nijsberjochten mar goed folgje.’

‘Dy muontsen wiene oars wol sloppe sielskrobberkes.

Sjappy hie se samar foar munt slein.’

‘En ik haw it noch ris lichtsjes oerdien.’

‘Dat wie gjin keunst.’

‘Sille wy noch oanjefte dwaan fan dyn frijheidsberôving?’
‘Bist net wiis? De plysje bliuwt derbûten. Oars komt Sjappy op ’t aljemint en do ek.’
Nier ferskikte op ’e stoel. ‘No moatst my toch ris fertelle, wêrst al dy tiid sitten hast.’
‘Oeral en nerges.’
‘Net by Al Pino.’
‘Dat wie in minnisteleagen.’
‘Wêrom?’
‘Ik woe dy gerêststelle.’
‘Wêr hast ûnderkommen krigen? Net by kunde. Dy haw ik belle.’
‘Yn hoteltsjes.’
Hy wachte even, frege doe: ‘Sis earlik, wêrom bist fuortgien?’
‘Ik haw socht.’
‘Ja, dysels, dat wit ik no wol.’
‘Nee, in oar.’
‘Wa?’
‘Peter Dripstien.’
‘Aha! Dus in man.’
‘Gjin aha en ek gjin gewoane man. In dichter.’
‘O godskes, noch minder.’
‘Dichters binne it sâlt fan dizze ierde.’
‘Dêrom krije se ek subsydzjes, oanfoljende honoraria en talagen.’
‘Do bist goed op ’e hichte.’
‘Ik lês noch wolris wat oars as strips en waarberjochten. Wêr wennet dy fint?’
‘Hy hat gjin fêst ferbliuwplak.’
‘Soa, dan hat er in reisbeurs. Hast mei him praat?’
‘Nee, ik haw him net fûn.’
‘Wêrom wolst him sjen?’

'It giet my net om de man, mar om syn wurk. Hy sprekt my oan.
Dêrom.'

'Wat hat dy fint, wat ik net haw?'

'Inerlik libben.'

'Ik haw ek gefoel.'

'Foar auto's en froulju.'

'Dynte, ik haw libbe as in muonts.'

'Ja, dat haw ik fannacht fernommen.' Se wiisde nei it lege hingelkuorke dat ûnder de keukenstafel stie.

'Ik bin bliid datsto it meinommen hast. Wy ha gjin spoaren achterlitten. En dêr siet ek it dichtbondeltsje fan him yn.'

'Lit ús der net fierder oer prate,' sei Nier.

De dagen ferstrutsen wer as earder. Dynte die it wurk en Nier it húshâlden. Yn de kranten of foar de radio en telefyzje neat oer Eameliter. Dy wie ûnbemurken fan de ierdboaiem ferdwûn.

Mar Dynte waard mei de dei stiller en stoefier. Se koe har ûnfrede net mear weilaitsje. Se fierde de bewende hantaasten mei tsjinsin út, har saaklike korrespondinsje hannele se ûnferskillich ôf. Se rammele mar wat op de âld skriuwmachine om. It ding ferpofte it noch net, mar fertikte it fakernôch al. Wat koe it har skele.

Ek de muzyk dêr't se oars altyd fan opfleure, lei har kâld. Hoe faak se de langspylplaten mei 'Orfeus yn de ûnderwrâld' fan Offenbach ek ôfdraaide, se diene gjin fertuten.

In inkele kear skaakte se in potsje mei Nier. Dat wie in prestiizje-slach. Se spile altyd fluch. Sa foar it each tocht se net iens nei. Mar achter elke set fan har leine smychtestreken op 'e loer. As er dy oer de kop seach, friet se him mei hûd en hier op. Se wie in echte taktika en fiske oanhâldend yn troebel wetter.

Nier spile strategysk. As it heal koe, skode er it spul potticht. It moast in langtriederich rinfuorgegefjocht wurde. Want hy hie mar

ien kâns om fan har te winnen. Krekt salang te wachtsjen, oant se har geduld ferlear. Dêrom tocht er út prinsipe oer elke set in set nei. Se spilen ommers sûnder klok. En sy mar suchtsje. Wat mear se suchte, wat better. Se moast skjin har nocht krije. As se har op 't lêst net mear ynhâlde koe, kipere se it boerd om en de stikken rûgelen oer de tafel. Dan hie hy reglemintêr wûn.

Meast sieten se jûns stil yn 'e keamer. De wynharpe spile om it hûs. Dynte lies en Nier seach nei de kykkast. Se gongen betiid op bêd. Soms, as er neist har mudde, skriemde se sûntsjes yn it tsjuster. De ferlangst nei it wûnder bleau. En it witten dat it noait barre soe, makke har tryst. Se litte mear as him, want se fielde djipper. Sit net te gnizen. Krûp do mar ris yn har hûd. It sil dy net tafalle.

In moarn sieten se yn de húskeamer mei de túndoarren iepen. Se holden elk oan in ein fan de grutte bank ta. Dynte ferbruts it swijen. 'Sjoch, dit is it.'

Se lange him in ûnnoazel tin boekje oer. It bestie út in pear dûbel-tearde feltsjes papier, formaat A4, byinoar holden troch twa nytsjes. Der siet net iens in kaft om.

'Wat in flarde,' sei Nier.

'Ik tink, dat it yn eigen behear útjûn is.'

'Dan noch.'

'Dichters binne earm.'

Hy blêde it folderke troch. Op elke bledkant stiene ien of mear gedichten fan soms net mear as in pear rigels. 'Skande fan 't papier,' sei er. Hy gnyske om de ûndertitel. 'SÂN FERSEN'. Wat dichter neamt syn gedichten no noch 'fersen'? Folslein út 'e tiid. It sil wol in snotterige sonnetterige wêze.'

'It binne gjin sonnetten.'

'Ik haw noch noait fan in dichter Peter Dripstien heard.

En der is yn Hinnaard gjin printerij Hindrik Sûckerbacker.'

‘No net mear.’

‘Foarhinne ek net.’

‘Dêr witsto neat fan.’

‘Allegear optinkensels.’

‘Lês dy gedichten no mar.’

‘Ik haw der net folle nocht oan.’

‘Toe no.’

‘Omdatsto it bist.’ Hy sloech de titelside om en lies.

PETER DRIPSTIEN

SIMMER OP IT EILÂN

SÂN FERSEN

Printerij Hindrik Sûckerbacker, Hinnaard, 1965

I

gelok - de moarntiid te beklimmen. it iere ljocht
tipt oan rôze lippen
talmjend tsjuster, drúsket sels, de dei begjint

de sinne skoot har wale wei
slacht starich teisters op
in sparkjend each dat nei it westen sjocht

strielen sproeie út yn himelsblauwe skalen.
ûnder simmerske fonteinen
gean wy mei ús twaen del nei 't godferlitten strân.

en dan it lokjen fan in kalme see
dy't ús begjint te dúnjen
ta koraal, fersiering om har hals

gjinn wetter sil ús drinke

wy swimme fierder út
en driuwe slach op slach
in split tusken it weagjen fan har boarsten

II

it strân wie in lange ljochte frou
dy't slûmjend dellei neist it blauwe klaad
dat se argeleas losmakke hie.
tusken dúntoppen troch betrapen wy har
en waarden rôze skulpen yn har waarme skoat.

no sjogge wy de dei oankommen en de nachten.
wy stoarje dan omheech of omleech?
yn 't ierdetsjuster dreame wy
binne wy de stjerren foar de stjerren
en sy de brokken kalk yn 't himelsân?

do dûnsest
en mei dy dûnset
de sinne oer it strân
stofgoud stoot

ik jou my oerein
en set dy nei
en krij dy beet
foarsto neaken yn dyn brúnzen hûd
ûnder it koele lekken dûkst.

III

ierds ingeltsje mei sinnespruten
de mûtskes fan dyn froulikens stean rjochtoerein
en leidich streamt dyn liif nei 't flachje fan de delta
ik lit my strânje yn de brâning fan dyn kust.

IV

by nacht wurdt it hert in skip op de see fan ferlangst.
driuwende tunen flamjende bergen fart it bylâns
om leech en sûnder dy de boech te kearen
werom nei 't foarlân wêr't myn maten mearje.

blau wurdt de dei en as in fear sa licht
saaie fûgels troch it stille ljocht
wite waaiers út oer strakke loft en teare gear
yn smel gelid. plomper gear derûnder ûnder stiver flerken
starich en oan 't havenhaad foarby boaten oer de wetterblakte
waggeljend as guozzen oer de wei.
it seewier plakt har op de glêde flanken
en yn har houten hert klopt it ferlangst
flugger lichter as in miuw
oer de baren fan de see te skaaien.

de boaten lizze oan de wâl en op de kade
himet in harmoanika in noasferkâlden liet.
harkje gnizend nei dy treurige akkoarden
tiid foar gûlerige weemoed is der net.
nee gjin trystens no want dit: yn brûnzen hûd
yn shirts yn shorts op hege ranke skonken
flinterje de fammen by de kade del, muzyk
skettert út de iepen fleugel fan it strânhotel.
feinten skuorre famen yn dryst dûnsjen mei
oer it broeiske simmermiddeplein.
de sinne set in sombrearo op
krûpt achter tongerwolken wei.

VI

de fammen op har bleate flitterskonken
sochten skûl tusken de lange lidden
fan de swijende kampearders
doe't tonger oer de dunen rôle
wjerljocht it tsjuster spjalte

letter glommen de tinten fan rein
en de herten waarden in liet
by it lôgjende fjoer
mar doe't de jonges wat mimerjend
de lêste prikken yn de flammen stutsen
wist ik it wer
ek dit is myn lân net.

VII

do wiest my leaf
wês my no tagedien.
jou my it frij
fan 't skearlings silen
omheinings lâns
fan wyn en wetter
do bliuwst my by.
troch de tiden hinne
sil dit azueren liet
foar dy songen wêze
en dy miskien berikke
as erges oan in fiere ree
fûgels op dyn smelle skouders strike
en de lytse wimpel bringe
fan in skip dat ienlik fart
by streamen op foar dreamen del.

dizze syklus is printe foar
de dichter en syn Muze
yn in oplaach
fan twa ek-
simpla-
ren.

Nei't er de achterkant lêzen hat, freget se: 'En wat seist derfan?'
 'Oanstellerij om in skarreltsje,' is syn oardiel.
 'Gefoel en ferbylding,' ferbettert se.
 'Klearebare flut.'
 'Hast dûbeld fel foar de kop.'
 'Ik fyn der neat oan, mar dêrom kin it noch wol moai wêze.'
 Dynte swijt.
 'Eigen dichtwurk yn twafâld foar jesels en je muze mei in haadletter
 printsje te litten. En it dan ek noch fersen ynstee fan gedichten te
 neamen. Wat in pretinsje hat dy Dripstien,' seit Nier.
 'Ik wie mei him op Flylân, foar't ik dy seach.'
 Hy leit syn hân op har ûnderearm.
 'Dat wist ik net.'
 Dynte seit neat.
 Hy jout har it bondeltsje werom en komt oerein. 'Ik moat Al Pino
 noch fertelle datsto wer teplak bist. Ik hie belove om him yn it
 fjirde haadstik op 'e hichte te bringen. Dat is derby bleaun. Hy stiet
 net yn it telefoanboek, ik sil mar even nei him ta.'
 Dynte giet ek oerein.
 'Dat doch ik sels. Ik bin him wol útlis skuldich.'
 'Ast dan mar gjin fjouwer wike fuort bliuwst.'
 De telefoan rinkelt. Se tinkt dat it in klant foar har is en nimt oan.
 'Foar dy. Déa ex Machina.'
 Hy nimt oer. 'Nier.'
 Har melodieuze mar wisse stim.
 'Ik moat mei dy prate. Hjoed noch.'
 'Dat kin.'
 'It driuwt.'
 'Ik kom daliks. Wêr?'

‘By de muzyktinte.’

‘Dêr kin ik net mei de auto komme.’

‘Tichtby de earste bushalte bûten Duerswâld is rjochts in dearrinnende wei. Dy moatst helendal útride. Dêr bin ik.’

‘Goed.’

Déa leit op. Hy stiet noch even mei de hoarn yn ’e hân. Wat in ûnferwachte boadskip. Déa hat er in pear jier gjin kontakt mei hân. Hy leit de hoarn op ’e heak en sjocht Dynte oan. ‘Déa ropt my.’

‘Prachtich, gean mar gau.’

‘Kinst moai meiride. Dan set ik dy by Al Pino ôf. En ik helje dy yn ’e weromreis op.’

‘Asto mar net fjouwer wike fuortbliuwst.’

Hy glimket. Se meitsje risselwaasje. Dynte strûpt wat oare klean oan en Nier rydt de auto foar. Hy docht de túndoarren ticht en de boel op slot. Se stappe yn, draaie de rútsjes iepen. It is sierlik waar. Se ride troch it luthôf fan eigen tún nei de poarte en dan de dyk op.

9

Se leit achter in beam te sintsjen. Yn Déa har domeinen is it altyd heechsimmer. Se kin net in soad oan hawwe, want hy sjocht inkeld bleat en de stam is mar tin. Foarsichtich giet er nei har ta. Se hat neat oan, behalven in fyn gouden keatting mei in hingerke om de mul. Har bekken heint de ljochtmunten, dy't tusken de blêden fan in oerhingjende tûke troch falle. Daalders tyspelje oer de rjemmige hûd. Skaadfingers tippe de dûnzige skerte oan en streekje oer de lange glêde skonken. Lytse roazeknoppen stekke út de frij lytse boarsten. Slankjes hier kronkelje yn de earmsholten.

Se makket har los út de slommer en rekt de lea út. Dan giet se sitten en komt yn ien beweging oerein, sûnder de hannen te brûken. Se knip-pert even mei de eagen en sjocht him koelbloedich oan. In griene iris en in pearsenien. Hy stiet mei de mûle fol toskten.

'Haw ik wat fan dy oan?' freget se.

Hy bliuwt it antwurd skuldich.

'Kom mei!'

Dat befel skuort him út de eachbetovering. Hy folget har oer in smel boskpaad. Se hat de linige gong fan in rôfdier.

Se rinne by de keunstmjittige wetterfal lâns. Trije jier lyn boud en noch altyd in trekpleister foar toeristen. No leit it stil. It seizoen is hast om en it is gjin wykein. Dêrnei komme se by de nije springskâns foar skyers. In steile hichte mei in maklike deldracht foar begjanners en in slimmenien foar betûfte springers. In provinsje mei safolle

wintersporttradysjes as Fryslân sûnder springskâns? Soks kinne je de toeristen net oandwaan. Dit keunstwurk leit ek ferlitten. It seizoen moat noch begjinne.

In ein fierder draait Déa har om. Se giet mei de fuotten in bytsje útinoar foar him stean, set ien hân yn de side en wiist mei de tomme fan de oare oer it skouder.

‘Sjoch,’ kommandearret se.

‘Wêr?’ freget er ûnnoazel.

‘Achter my.’

Hy eaget by har lâns, al falt dat net ta. Hy sjocht in gat mei in bult sân derneist.

‘De plysje hat it lyk fan Eameliter opdold,’ seit se.

Hy sinkt sels hast troch de grûn. Hy hie tocht dat dy saak al yn it ferjittersboek stie en no sil alles wer opikkere wurde.

‘Wat bedoelst?’ slokt er.

‘Wy moatte prate en ien line lûke. Kom.’

Se rinne fierder. Yn it foarbygean gnúft er yn it gat. Noch net salang lyn dold sa te sjen. Se komme by de muzyktinte en rinne it trepke op. Oer de planken flier giet it nei in oanbou fan skroatsjes. Déa hâldt de doar foar him iepen. By in trepke del stappe se yn in romte, dêr’t tolve fammen by in rûne tafel sitte.

‘Dit is Nier Hinnebruer,’ makket Déa him bekend. ‘Jim kenne him noch wol fan de foarige kear, tink.’

De fammen knikke ienriedich. Se sjogge him allegear striidber oan. Gjinien seit diskear: ‘Wat in lekkere fint,’ mar se hantsjeklappe him al beskieden in wolkom ta. Hy nimt in sit, Déa ek.

Sy nimt it wurd. ‘Wy sille yn dizze plenêre gearkomste ús útstel oan Nier foarlizze. As er der net yn meistimt, docht er himsels tekoart.

Earst in pear feiten, dy’t er witte moat. Eameliter is troch in ûnbekende fermoarde. Mei myn pylk by Nier syn auto. Nier hat ek mei

it lyk omgriemd. Om ús en him te behoedzjen foar fertin-king, ha wy, sûnder dat er it murk, Eameliter weitôge en bedobbe, en alle spoaren útwiske. It wiisde derop dat ús opset slagje soe. Mar juster hawwe speurhûnen fan de plysje it grêf ûntdutsen. Eameliter is opdold en leit no grif yn in gerjochtlik laboratoarium. Dêr sil alles neigien wurde, se sille in ûndersyk ynstelle. As se nei ferrin fan tiid neat fine, sil de saak yn de doofpôt dien wurde. Dan kinne se ús neat mear meitsje. Salang wol ik alles ûnder kontrôle hâlde. Myn pylk haw ik ferneatige, Nier syn auto rydt noch om.'

Hy sjit oerein en protestearret.

'Ik haw neat mei de moard op Eameliter te krijen.'

Déa bliuwt kalm. 'Wy ek net.'

'Dêrfoar lit ik myn auto net koart en kien slaan!' fljocht er op.

'Dat hoecht ek net. Inkeld in rydferbod.'

'O.' Hy giet der wer by sitten. 'Foar hoe lang?'

'Sa lang as it ûndersyk duorret.'

Syn ûnderhannelingsposysje is sterker as er earst tocht. Miskien is der noch mear foardiel te beheljen.

'Ik kin net sûnder myn auto.'

'Dat sizze safolle fanaten.'

'Wat soe de plysje no fan myn auto ôfsjen moatte?'

'It is in opfallend showmodel. Eameliter hat op 'e bumper lein en de ôfprinten fan de bannen doesto fuortriedst, ha wy net útwiske.'

Hy suchtet. 'Goed. Ik sil him salang yn myn garaazje stean litte en der net mei ride.'

'Nee,' ornearret Déa beslist. 'Dyn auto bliuwt hjir.'

Hy sjit wer oerein. 'No noch moaier! Jim soene myn auto better út it sicht sette kinne as iksels.'

'Ja, dat is sa. Wy hawwe in net te finen skûlplak.'

'Myn auto bliuwt by my.'

‘Dan steane wy net foar de gefolgen yn.’ Se docht in taast ûnder de tafel en bringt in kopdeksel foar it ljocht. ‘As de plysje hjir nei freget, ha wy dyn pet.’

‘Sjantaazje!’ ropt er út.

Se lûkt de skouders op.

Syn pet, dy hat er yn ‘e alteraasje ferlern en dêrnei net iens mist. Hy stiet yn dubio. De opljeppenens saksearret.

‘En as de plysje it no al útfynt?’ bringt er nei foaren.

‘Dan steane wy as ien frou achter dy.’

‘Wêrom ha jim Eameliter net nei dat net te finen plak brocht?’

‘Tinkst dat wy dêr in stjonkend lyk yn hawwe wolle?’

‘Binne syn redens, helm en stick ek mei bedobbe?’

‘Ja, alles.’

‘Jim hiene my fuortendaliks deryn behelje moatten en net alles bûten my om dwaan. Jim ha my foar joker set.’

‘Wy woene dy helpe en derbûten hâlde.’

Hy suchtet nochris.

‘Goed, ik sil myn auto hjir ûnder jim hoede litte.’

Déa sprekt de fammen ta. ‘Nier slút him graach by ús foarstel oan.’

Se klappe út fatsoen. De spanning is brutsen. Se geane der allegear maklik by sitten en babbelje mei-inoar. Nier harket nei petearkes oer planology, revolúsjelear, steathúshâldkunde en natoerbelied. Hy kin der net by. Hy sjocht nei de moaikert rjochts fan him, lyk as al har simmersusters yn it neaken. Se linet wat oer de tafel nei de nimf foar har oer. Har boarsten reitsje justjes it blêd. Dêr kin er ek net by.

Nei in skoftsje makket Déain ein oan de praterij.

Elkenien komt oerein en se geane bûtendoarren. Katsje achter katsje rinne de fammen troch de bosk nei it plak dêr’t de auto stiet. Déa en Nier folgje neistinoar. ‘Hjir hast dyn pet werom.’ Hy set him achterstefoar op. Dêr moat se om glimkje.

Foar de Lagonda Drophead Coupé steane se stil.
 ‘Hast wer sa’n nij âld kring?’ seit Déa mispriizgjend.
 Nier hapt net. ‘Wêr is jim skûlplak?’
 ‘By de muzyktinte.’
 ‘Ik kin net oer dit smelle boskpaad ride.’
 ‘Wy nimme in oare wei. De spoaren dyst makkest, sille wy allegear útwiskje.
 Hy lûkt in portier iepen en makket in nûgjend hantgebaar. ‘Stap yn.’
 ‘Dit is tsjin myn prinsipes, mar ik doch it foar dy.’
 Se giet neist it sjauffeursplak sitten.
 Nier stapt ek yn. De nimfen Mauve en Violet geane elk oan in kant op in treedplanke stean en Lila set har op de kofferbak del. De oaren rinne foar de auto út. It is sûver in gouden koets.
 ‘Folgje har mar,’ seit Déa.
 Starich giet it mei in ombocht troch de bosk. In pear kear tille de fammen in dwerspeal foar in brângong fansiden. As de auto foarby is, wurde dy wer teplak lein. Se beride de iepen romte by de muzyktinte.
 ‘Ho,’ seit Déa, ‘útstappe.’
 De nimfen stelle har yn in wide heale rûnte op. Déa komt neist him. Se kriget it hingerke, dat oan it keatting om har mul bongelt en heakket it los. Se hâldt it op earmlangte tusken tomme en wiisfinger, dikert deroerhinne nei de tichtstbye pylder fan de muzyktinte. Mei de wiisfinger fan de oare hân triuwt se op in knopke.
 Dy simpele druk bringt in ierdferskowing tewei. De grûn begjint te bewegen, as wie in geweldich grutte molwrot oan it heisterjen. Mar de ierde komt net omheech, dy sacket yn. Sân, blêden en dinnenullen glide earst nei ûnderen en falle dan yn in tsjuster fjouwerkant gat. Twa izeren lûken binne delklapt, in brede ôfdracht rint fierder ûnderierds. Ferheard sjocht Nier nei it ferwulf.
 ‘Soms kinne wy it mei de technyk lykfine.’ merkt Déa op. ‘Ryd him

der mar yn.’

Dat docht er. De skûlkelder is ûnder de muzyktinte. In pear fammen ljochtsje him mei lantearnen by. Dan moat er ôfskie nimme fan syn auto. Net botte fleurich giet er oer de oprin it deiljocht temjitte. Déa drukt wer op it automaatsje. De lûken draaie omheech en as se inoar reitsje, lizze se stil. De nimfen begjinne daliks mei sân deroer te struien. It grêf is ticht. Déa heakket it hingerke oan it keatting.

‘Sisa,’ seit se. ‘Dy stiet goed. Asto it geheim hâldst, kinst op ús rekkenje.’

‘Ik gean no mar nei hûs.’

’It bêste.’

In ûnderfining riker en in auto earmer, sa rint er nei de dyk ta. Hy kin Dyntaxe net iens ôfhelje. By de haltepeal bliuwt er stean. Mei de bus nei hûs. Dat hat er noch noait earder dien. Wer in ûnderfining riker.

10

Dynte rint oer it hiem fan Al Pino nei de foardoar. Dy stiet oan. Se giet yn 'e hûs en moat even wenne ta de oergong fan it heldere deiljocht nei de skimerige hal. Achter in wand mei matglêzen rútsjes sjocht se it bewegen fan skaden en se heart sunige pianomusyk. In tsiental froulju is mei hoepeltsjes en linten dwaande.

Se heart fuotstappen. Al Pino komt troch de flapdoar út de gong. Hy bliuwt stean en sjocht har op-en-del oan. 'Hee,' seit er, 'bisto it. Dat docht my deugd.'

'Ik bin werom en dat woe iksels oan dy fertelle.'

'Al lang?'

'Sûnt haadstik 7.'

'Dêr wit ik neat fan.'

'Dêrom. Nier soe dy yn it fjirde haadstik op 'e hichte bringe, mar dêr is neat fan kommen.'

'Bliid datst der wer biste. Wêrom hiest him eins yn 'e waan litten, datst hjir wiest?'

'In ferlechje. Ik socht Peter Dripstien, mar ik haw him net fûn.'

'Hast ús wol ûngerêst makke.' Hy pranget de lippen opinoar.

'Peter Dripstien, seiste.'

'Ja, in dichter.'

'De namme komt my bekend foar. Mar net fan gedichten. Hoe sjocht er derút?'

'Jongeseftich mei in aventoerlik fonkje deryn. Smel gesicht, ljochte

eagen, slûk hier, wat slongelich. Mar dat is hast tsien jier lyn.’

‘Hoe âld is er?’

‘Eefkes âlder as ik.’

‘Peter Dripstien... wachtsje.’ Al Pino giet nei in smel en heech ladekastje yn ’e hoeke. Hy tikket fan boppen nei ûnderen op ’e laden en lûkt der dan ien út. Hy komt mei in oardner oansetten en slacht dy iepen. Nei wat blêdzjen tusken de papieren fynt er wat er siket. In trochslach op giel papier. ‘Jawis, hjir stiet it. Hy hat ynskreaun west by myn útstjoerburo foar revolúsjonêren yn Ljouwert. Fan 1968 oant 1972. Doe hat er him útskriuwe litten.’

‘Syn adres?’ freget se benijd.

‘Hy hie gjin fêst adres. Hy foer wat om. Mar Harns wie syn thúshaven. Dat wie syn postadres. Dêr lei er meast yn de binnenhaven.’

‘Hie er sels in boat?’

‘Ja, in aardich syljacht. De Transitia.’

‘Komt er noch faak yn Harns?’

‘Dat wit ik net. Sûnt 1972 haw ik him net wer sjoen en neat mear fan him heard.’

In opteard wyt feltsje is mei in paperclip oan it giele papier fêstmakke. Al Pino lûkt it derûnder wei en spriedt it út. It is in kopy fan in pasfoto.

Dynte kriget in skok fan werkennen.

‘Dit is him,’ seit Al Pino.

‘Dat is him,’ seit se. ‘Miskien kom ik him no toch op it spoar.’

‘Soest it probearje kinne. Mear ynformaasje kin ik dy net oan helpe.’

‘Tige tank. Ik gean no mar werom nei hûs.’

‘Kom even fierder, bist hjir noch mar krekt. Wy ha mekoar wol mear te fertellen.’

‘Nee, oare kear, ik gean no. Allinnich, Nier hat my hjir ôfset en it kin wol oeren duorje foar’t er my wer ophellet. Ik sil mei de bus moatte.’

‘Kinst in fyts fan my liene. Ik haw in heel hokfol.’

‘Graach.’

Se geane bûtendoar. By it hok seit Al Pino: ‘Sykje mar út.’

Dynte past wat fyts it noflikste sit. Hy bringt har in eintsje oan ’e dyk ta.

‘Oant sjen,’ sizze se tagelyk.

Se stapt op en rydt nei Ald-Appelskea. Noch foar twaen is se thús.

Dêr bliuwt se net lang. As Dynte ien kear har sin op wat setten hat, is

har dat net út ’e holle te praten. Se kwattelt in boadskip foar Nier op

de achterkant fan in grutte finsterslúf en set dy skean tsjin in kanne

op it oanrjocht. Se stekt in beurs en it tinne dichtbondeltsje by har. It

hingelkuorke nimt se diskear net mei. Op de fyts fan Al Pino rydt se

nei it busstasjon, set him dêr yn de stalling en keapet in stripekaart.

Lang hoecht se net te wachtsjen. De bus rydt foar en se stapt yn.

Yn It Hearrenfean hat se net daliks oanslúting. Se giet op in bank foar

it stasjon yn it sintsje sitten, achteroer, hannen yn ’e bûsen fan har

iepen simmermantel. Kommende en geande kloften foar bus en trein

repe by har lâns.

‘Soa, wer de hoart op?’ mekkert in geitestim neist har.

Se kriget in skrik en sjocht oerside. It is dat stik ûngelok dêr’t se neat

fan hawwe moat, mar dat har altyd wer op de ûngaadlikste mominten

foar de fuotten komt. Chick Anus. Mei syn lang flaakshier, syn bryk

sikefûnsbriltsje en syn bleek troanjemint. Hy hat der in plakkerich

ljochtgrien trainingspak by oan.

Se skoot mear nei de ein fan de bank, sjocht rjocht foar har út en

seit neat.

‘Wat is der oan ’e hân?’ freget er. ‘Bist op ’e teantsjes trape?’

Se slacht de earms oerinoar, ferbyt har.

Hy lûkt in doaske ûnder syn jak wei. ‘Ik bin hjoed jierdei,’ seit er. ‘Ik

bin de feestbaarch.’ Hy makket it doaske iepen, rikt fier oerside en

hâldt it har foar. Der sit gebak yn. ‘Ik traktearje, nim in negertút.’

Se beweecht gjin fin.

‘Godbewarjemy!’ ropt er út. ‘Wat bisto in sinnige muoike!’

Sels troppet er in pear negertuten achter de kiezzen. De skomfolling dript him by it kin del. Hy slikket de fingers derby ôf. Nochris hâldt er har it doaske foar.

‘Kom, gjin gemiich, se moatte soldaat makke wurde.’

Se docht gjin hantaast. Hoe komt se hjirwei, sûnder dat er har folget?

Hy is altyd sa’n plakker. En as se him langer ôfskouderet, sil er grif lilk wurde. Dan is it in gefaarlik hearskip. No sit er noch smaaklik negertuten te beplúzjen.

Dêr komt de trein nei Ljouwert. Fluch giet se oerein en rept har tusken de minsken troch nei de yngong fan it stasjon. Se rint troch de hal en draaft dan net it perron op, mar slacht rjochtsôf en dan nochris, de lytse útgong yn. Se bliuwt stean en speurt om ’e hoeke.

Chick Anus komt it perron op, sjocht alle kanten út en rint nei de trein, dêr’t reizigers út- en ynstappe. Se giet werom nei it wacht-hokje foar de bus. Dêr stiet se har noch in minút de lea stikken te hâlden.

De bus ferskynt al en Chick Anus gelokkich net.

Yn Harns giet se daliks nei de binnenhaven. Miskien hat Peter syn syljacht dêr no meare. Teminsten, as er dat noch hat. Miskien dat âlde seelju, dy’t altyd by de wetterkant omstrune, har wizer meitsje kinne.

Se rint oer de kaden en lêst wat op de boaten stiet. Soms hâldt se stil.

Se moat by mêsten, touwurk en kajuten lâns sjen om de nammen fan de skippen, dy’t it fierste fan de wâl lizze, op it each te krijen.

Ynienen stûkje har bewegings. Fuortby de kade leit in swart syljacht mei in wyt dek en in brune kajút. ‘Transitia’ stiet op de boech.

Se wachtet even, dan giet se fuotsje foar fuotsje oer de planke oan board en oer it dek. De doarke fan de kajút steane iepen. Trije treden by it trepke del en se is deryn. Hy hat har al sjoen. Se stoarje inoar oan.

Hy byt op 'e tosk en suchtet.

'Wat dochst hjir?'

'Dy opsykje.'

Se sjogge inoar swijend oan. Hy hat no in ringburdsje en in tûfke hier yn it kûltsje fan it kin. Syn útdrukking is it meast feroare. Gjin jongeseftich fjoer yn 'e eagen, mar kâlde spot. Om de mûle in hurde trek. In hoekige man, sûnder de swierige lossens fan earst. Hy stapt by de smelle fêste tafel lâns en slút de kajútdoarkes achter har.

'Wat moatst hjir?'

'Ik woe dy nochris sjen.'

'In flirt as doe.'

'Nee, dat net.'

'Bist in allemansfaam.'

'Ik hie dy sa net sitte litte moatten.'

'Wêrom bist fuortgien?'

'Ik waard smoar op in oare jonge.'

'Wa?'

'De man mei wa't ik no libje.'

'It siet foar dy net sa djip, hen?'

'Sa djip net,' seit se earlik.

'En no?'

Se hellet it tinne dichtbondeltsje foar it ljocht.

'Ik haw dyn fersen fûn. Se troffen my. It giet oer my, oer ús. Se rôpen wat op dat ik noait earder of letter sa field haw. Wat ferlern gien is en net weromkomt. In soart fan betovering. Dat woe ik dy sizze.'

Nei in stilte seit er: 'Ik haw twa boekjes printsje litten. Ien foar dy en ien foar mysels. Mar ik koe it net oan dy kwyt, want ik hie dyn adres net iens. En ik woe dy net opsykje. Hoe bist deroan kommen?'

'Tafallich yn in antikwariaat. Ik seach it tusken oare Fryske poëzij.'

'It is it lêste. Ik haw myn eigen ferskuord.'

‘Wêrom?’

‘Do hast foar my ôfdien. Nei dy simmerfakânsje op Flylân haw ik noait wer dichte. Ik bin de polityk yngien. De wrâld feroarje en soks. Poëzij en polityk geane net mei-inoar. Ik haw al myn besit oan boeken ferkocht. Der wie hjir op ’t skip toch gjin plak foar.’

‘Hast helendal noait wer skreaun?’

‘Inkeld politike pamfletten.’

‘En wat dochst no?’

‘Ik bin solo-siler. Dit is in seewardich jacht. Ik meitsje lange reizen.’

‘Allinnich?’

‘Poer allinnich. Dit is trouwens de lêste kear. Ik haw yn Fryslân neat mear te sykjen. Us mem is foar jierren weirekke en ik bin noienlingsbern.’

‘Dyn heit?’

Hy slokt even.

‘Haw ik it kontakt mei ferbrutsen.’

‘In frou?’

‘Net mear.’ En hy sitearret frij nei in oare dichter:

‘Ik bliuw ek leaver sûnder. Jou my mar in piip en in glês yn ’t foarûnder.’

‘Dat is net folle,’ seit se.

‘Yn ’t libben wurd je mear nommen as jûn.’ Hy wiist nei it bondeltsje yn har hân. ‘Ferskuor it.’

‘Wêrom?’

‘No.’

‘Mienst dat?’

‘Wat oars?’

Starich skuort se it midstwa, leit de helten opinoar en skuort dan nochris. In nysje bliuwt stykjen, se moat ropje om it los te krijen. It

deart har oan. Se lit de snipers falle. Dan sjocht se him wer oan. Hy is in ferbittere man wurden.

Ynienen rinkelt in bel. Peter draait him om, lukt in doarke foaryn de kajút iepen. Hy bûkt him, pakt de hoarn fan it tastel. Harket wylst er yn 'e hoksen mei de rêch nei har ta sitten bliuwt.

As er we roerein stiet, duorret it even foar't er har oan sjocht. In bytsje ferskrikt. Hy eaget nei it skipsklokje.

'Ik moat no fuort.' Hy strûpt syn jekker oan. Se sjocht dat er in revolver by him stekt.

'Wy moatte net tegearre sjoen wurde. Wachtsje hjir in kertier, dan giesto.'

Hy dûkt him en ferdwynt troch it trepsgat nei boppen. Se heart syn fuortstappen roffeljen oer de planke, dan wurdt it stiller. Se is alinnich.

11

As Nier thúskomt, sjocht er it kladsje fan Dynte. Al wer achter dy Dripstien oan, it moat net raarder. Mar goed, se sil no net foar in tiid fuort. Moarn komt se werom, seit se. En se hat ek de namme fan it hotel yn Harns opskreaun dêr't se oernachtsje sil.

Hy tinkt no mear oan it plysjewurk, dat grif fan de moard op Eameliter makke wurde sil. As er sels mar bûten skot bliuwt. Hy is troch Eameliter opbelle, dat Dynte gizele wie. En hy hat dy syn namme brûkt om de muontsen te ferrifeljen. Eameliter en de muontsen spanden gear, safolle is wis. Soene noch mear mei dy gizeling anneks west hawwe, guon dy't Dynte ek net sjoen hat?

Dy sille har no wol katoen hâlde. Of krekt prebearje om him alles op 'e lea te skowen.

Hy lûkt in papierke út it postsegelfakje fan syn portefúlje, teart it iepen. In agindablesje mei trije telefoannûmers. It boppeste is fan de muontsen, it middelste fan himsels, it ûnderste hat er noch net neigien. It is in leech nûmer mei it kengetal derby. Hy kriget it telefoanboek. Hy siket foaryn by de kolommen mei de netnûmers. Dêr hat er it. Hoarnstersweach. Hy slacht it boek fierder iepen en lêst ûnder de plaknamme. Syn wiisfinger hâldt stil by it abonneenûmer. Ta syn fernuvering is it gjin ûnbekende. Hy lêst: Pompom, H.J.W. v., boargemaster.

Even stiet er yn berie wat te dwaan. Hy sil it net útstelle.

Rislút pakt er de hoarn en draait it nûmer. De telefoan rinkelt twein-

tich kear, dan folget it tût-tût fan de yn-petear-toan. Nier leit de hoarn del. Der wurdt net opnommen, of Van Pompom is net thús. Dat lêste nei alle gedachten. It is hjoed in wurkdei en boargemasters hawwe it drok. Hy kin syn trekken waarnimme en de hichte dêr ris helje. Grif dat er dan mear wiis wurdt as oer de telefoan. Van Pompom sil him toch ûnnoazel hâlde. Hy lêst it adres. De boargemasterswente stiet oan in dyk koartby it doarp. Hy wit wêr't it is.

Nier giet nei bûten ta en hellet syn fyts út it hok. Wat ûnwennich stapt er op. Hy hat yn iuwen net fytst. Gelokkich hoecht er net sa fier. Trije kertier letter stiet er foar de opreed nei it wykeinhûske fan Van Pompom.

It prestiizje driipt derôf. In hûs mei in ierpel yn 'e kiel.

Under in serre, in erker en in djippe portyk. Hege finsters mei smeiwurk derby lâns. Noch heger lytsere finsters mei kroanlisten fan stúk. In rozet fan glês-yn-lead boppe-yn de gevel. Yn de tún, tusken amputearre beammen, in rige flaggemêsten. Foar elke nasjonale jierdei ien.

Hy stalt syn modale ferfiermiddel wat tebek yn de berm fan de dyk. Dat flokt sa mei dit royale klúske. Hy rint oer de siertegels nei de foardoar. Yn it hûs gjin libbensteken.

Hy bellet oan. In wetterfal fan klanken spat troch de hal. As der iepenmakke wurdt, sil er him net ôfskypje litte. By need set er as in kolporteur in foet tusken de doar. Mar der wurdt net iepenmakke. Hy fernimt neat yn it hûs, ek net nei't er nochris bellet.

In fergese reis? Hy rint om it hûs hinne. Oan de sydkant binne de rollúken del en de achterdoar sit op slot. Hy is net om 'e nocht kommen. No't er hjir ien kear is, wol er mear witte. Hy klimt by de klammen fan in reinpipe omheech en hiset himsels op it platdak fan in oanbou. Wat er sjocht troch twa finsters mei heal fansiden skode gerdinen, is lang gjin minnichheid.

Oan de muorren hingje grutte kleure pin-ups. Kante fammen mei iepen rokjes en broekjes, de hân by it slipke yn. Mar ek close-ups fan lichemsdielen. Ien neakenfoto ken er fuortendaliks wer. In nâle mei skean derûnder it skientmeplakje fan in maal. Dy is fan Dynte. Midden yn 't fertrek stiet in opmakke bêd. It switkeammerke fan in boargemaster, dêr is gjin mis op.

Ynienen heart er motorbrommen dat tichterby komt.

Hy kin noch krekt fan it platdak springe, achter strûken lâns útwike en mei in ombocht de stam fan in grouwe beam befleane, foar't in auto de opreed yn swait en by it portyk stil stiet. In sjauffeur yn livrei stapt út, rint om de wein hinne en hâldt in portier iepen. Henk-Jan-Willem van Pompom stapt út. Hy giet it portyk yn en steekt in kaai yn de foardoar. De sjauffeur rydt ûnderwilens de auto achter hûs. Nier sjocht, dat de doar in eintsje iepen stiet. Hy fljocht nei it portyk en de hal yn. Oer de drompel bliuwt er stean. Fjouwer doarren komme op 'e hal út, hy wit net troch welke Van Pompom gien is. Mar dêr swait al in doar iepen en hy stiet each yn each mei de boargemaster.

Van Pompom skokt, syn troch de sinnebank grillde kop belûkt.

'Eameliter,' seit Nier.

De boargemaster stiet stokstiif mei iepen mûle, mar hy brijket al in befel. 'Derút, derút, derút.'

'Eameliter,' werhellet Nier. Op itselde stuit kliuwt in hou him de harsens. Hy kin it op fuotten hâlde, mar de pine skuort him yn haadletters troch de holle. Sûzeboljend sjocht er oer it skouder. Achter him stiet in muorrebrekker fan in sjauffeur, ree foar noch in hou. Hy hat in fergulde kandler mei moarmeren fuotstik yn 'e hân.

'Ho, Thomas.'

Van Pompom is wat fan de skrik bekommen. Hy telt Nier de wurden ta. 'Wat dogge jo hjir?'

'Jo sEksprintekabinEt besjEn,' andert Nier.

Van Pompom falt hast wer yn ûnmacht.

'Hoe komme jo dêrby?' stammert er.

Nier bilet troch. 'As iEn faN jim mY beNei kOmt, stiet moarNier in sKandAalsTik fan CaP soNes yn It LjouwErter dEibLêd. OEr de sekSslije sammelsUcht fan in boargemASter. JO witte sEls wAt gefolgen sOkke bûtensprongEn foar in miniSter haWWe kinne, lit stean foar in boargemaster. Jo kARRiêre wurdt finAAI ôfbrutsen. BoPPE-dat, Dynte Planteit har nâle hinget hjir oan 'e muorre. JO haWWe de útstalling ûntromje Litten Mar pikke sels de foto'S yn.' Hy gappet nei de siken, as er it útbrocht hat.

Van Pompom ek. 'Nim dy foto mei,' smûcht er.

'En pak jo ôf.'

'nEe,' seit Nier. 'eArSt eAmeLiter.'

Van Pompom knypt de eagen even ticht, de lippen byinoar en snúft.

Mei in holleknikje: 'Folgje my. Thomas, set dy kandler teplak.'

Mei har twaen geane se nei in keamer. Nier kin de iene foet hast net foar de oare krije En hâldt him mar amper yn lykwicht. Hy stRUMPELt oer de dROMPEL.

Van Pompom nimt in sit oan in ovale tafel. It blêd dêrfan is mei parlemoer ynlein. Dêr steane in ivoaren pinneset en in sulveren brievehâlder op. In buro-aginda, goud op sneed, leit iepen. Nier pLoIT oP iN stOeL mEi iN leAren kEssen Del.

De boagemaster set syn flinterstrikje, dat al rjocht stiet, noch rjochter. Mei in sunich mûltsje seit er: 'Ik rekkenje derop, dat jo fan myn samling gjin gewach meitsje.'

'alLinNiCh aSjo mYn frAgen oEr eAmeLiter beAndErje.'

'Eameliter is dea.'

'dêRom kRekt. hy is In tonGersDeiNacHt fermoarde. Hy soe Jo de freeds dêrnei skijJe. hoe sit dAt?'

Van Pompom docht in taast nei in pinne en mist op in earmlangte.
 Hy slokt in pear kear. 'Eameliter kocht foar my kuriositeiten. Hy wie
 myn kommisjonêr.'
 'O, hY hie gRif wer wAt moAis. mAr wêrOm moat er jO telefoan-
 nûmer opskriuwe en ferstopje, as jim sa'n rEgelmJittich saaKlik kon-
 tAkt hiene?'
 'Dêr mocht nimmen weet fan hawwe.'
 'en wêrom lêS ik neat oer de moard yn de kRanten, wêrOm is alLES
 stilholden? jo biNne as bOargEmAster hAAAd fan de plysje. jO
 moATte IT wiTte.'
 'It is de Fryske Geheime Tsjinst yn hannen jûn. It giet om in grut
 misdiesyndikaat. Dêrom gjin wurd deroer.'
 'Wie EaMelitEr dêr lid fan?'
 'Ja, dat wit ik no.'
 'Hie er eK konNeksjes mei trije muOntsen: LeoNarDus, Niko-
 DeMus en TeOdOsius?'
 'Net by myn witten.'
 'Wêrom is it lyk fan EAmeLIter earst juSter opdold?'
 'Ik haw de saak oan 't rôljen brocht. Ik wist wêr't er foar it lêst sjoen
 wie,' seit Van Pompom.
 'Hoe wiSten jo dat?'
 'Myn sjauffeur hat him ôfset. It wie dy jûns min waar. Eameliter
 moast koartby Duerswâld wêze.'
 'DAn ha jO ryklik lang wachte mei jo tip. Hy hie grif in moai stik by
 jo ôfleverre. Hie er doe iishockeyklean oan?'
 'Iishockeyklean?'
 'JA, nûmer 48.'
 'De Geheime Tsjinst hat my noch net ynlochte.
 Hoedatsa?'
 'Ik stel de fragen. As my troch jo of in oar wat frege wurdt, haw ik myn

antwurd ree. Dat is: de galery fan van PompOm.’

‘Wat wolle jo noch mear witte?’

‘Noch ien ding. Binne der bindeleden bekend of oppakt?’

‘Bekend al, oppakt net. Sipma en Motz Antares fansels, dy beruchte bazen.’

Nier komt oerein. ‘Dan is it foar jo gefaarlik.’ Hy jout noch in warskôging. ‘Gjin wurd oer dit ûnderhâld.’

‘Fan wjerskanten. Gjin wurd oer myn samling.’

Van Pompom lit him derút.

Nier stapt bûtEndoar. Sûnder omsjen rint er de opreed del en oer de dyk nei syn fyts. Mei lijen tilt er in skonk oer de paKjedrager en it trAApjen giet him ek net linich ôf. In goed oere letter is er yn Ald-Appelskea werom.

Hy makket foar himsels it jûnmiel ta. As dat beslikke is, fielt er him helte better. De holle tûkert him noch in bytsje. Hy giet langút op ’e bank lizzen en dompelt him yn in telefyzje-útstjoering. De pine fernimt er net mear.

Tsien oere bellet er it hotel yn Harns, dat Dynte opjûn hat. Syn tefreden stimming slacht ynienen om. Se hat wol in keamer besprutsen, mar is noch net ferskynd. It baarnt him yn. Hy smyt de hoarn op ’e heak, mar kriget net iens de tiid om der fierder oer yn te sitten. De telefoan rinkelt.

‘Hinnebruer.’

In kliemske falsetstim. ‘Leonardus. Dynte Planteit is hjir.’

Syn eigen lûd slacht hast oer. ‘Wêr?’

‘Us âlde wettertoer.’

‘Ik helje har op.’

‘Fjouwer oere presiis. Moarnier betiid.’

‘Ofpraat.’

‘Lospriis.’

‘Hoefolle?’

‘Dyn auto. De Lagonda Drophead Coupé.’

‘Noait in kear. Jild.’

‘Gjin jild. Dyn auto.’

‘Dat kin net.’

‘Dan net. Tink derom, gjin plysje. Oer en slute mar.’

‘Wachtsje ... ik kom. Mei de auto.’

Oan de oare kant wurdt oplein. Ferbining ferbrutsen. Hy lit yn him omgean om sels de muontsen te beljen. Hy hat it nûmer. Mar hy docht it net. Nei alle gedachten ha se no help fan mear. Sa maklik as de oare kears sil it ek net gean. Trije warskôge muontsen telle foar twa. En se sille him seker net yn 'e sinkelsûs foar de fûst komme, lykas earder. Hy sil wapengeweld brûke moatte. Dan hat er noch wat yn 't fet, dat no moai fan pas komt.

Hy giet nei de souder. Ut in âlde skipskiste hellet er in karabyn foar it ljocht. Yn it magazyn sitte lytse ampullen mei pirimidrine. In ferdôvingsmiddel dat fuortendaliks wurket. By it wapen heart in lûddôver. Dy sil er no ek brûke moatte. Hy nimt de karabyn mei nei ûnderen. Syn striidplan hat er yn 'e kop.

Hy moat syn auto hawwe. Net inkeld om dy tsjin Dylte yn te ruiljen, mar hy kin fannacht net sûnder ferfier. Oan Déa hoecht er net te freegjen. Dy sil ûnferbidlik bliuwe. Of it wurdt einleas ûnderhanneljen. En dan giet kostbere tiid ferlern. Har fammen sille har byfalle, fan dy kant hoecht er ek net op moederaasje te rekkenjen. Mar syn beslút stiet fêst: hy sil, bûge of barste, syn Dylte befrije.

Hy slingert de karabyn oer 't skouder, docht de lampen út, slút it hûs ôf en rint troch de tsjustere tún nei it fytshok. Foar de twadde kear dy deis nimt er de twatsjiller, no foar in nachtrit.

12

Se stoarret nei skaden, dy't boppe har holle teisterje. Wjerskyn fan wetterbeweech, it jûnssinnesljocht falt skean troch de patrys-poarten. Se is frjemd te moede. No lit hy har allinnich sitte. Se fielt har tryst en ferromme tagelyk. Der is in leechte, mar gjin gemis, teminsten net fan him. Se hat in âlde skuld ynlost, se hat sein wêrom't se doetiids by him weigien is. Mar wêrom moast er sa hastich fuort? Mei in revolver. Hie er in opdracht krigen? En wêrom moast sy hjir in kertier wachtsje? Ynienen kriget se it krap. Se bliuwt net langer. Gau hjirwei. Mar it is al te let.

Se heart fuotstappen oer it dek. Soe er weromkomme?

De doarkes wurde iepensmiten, in iishockeyspiler stapt de kajút yn. Hy hâldt syn stick omkeard yn 'e oanslach, de útein fan de stâl op har rjochte. It is in echt gewear, dat sjocht se wol. 'Hannen yn 'e nekke!' De man is Peter net, dat heart se oan de stim. 'Sitte,' kommandearret er. 'Kop ticht.'

Hy hâldt har yn 't fizier, trapet mei de hakke de kajútdoarkes ticht. Se siicht op it bankje del. 'Fuotten op 'e tafel, neistinoar.' Hy hâldt it gewear ûnder de earm, finger oan de trekker, set har de loop op 'e kiel. Se jout om sizzen. Mei de oare hân klikt er har in pear boeiens om 'e ankels.

'Earms foarút stekke, hannen tsjin inoar.' Hy hellet noch in pear boeiens foar it ljocht en knipt har dy om de polzen. 'Mûle iepen,' se docht it net fluch genôch. Syn finger slút wer om de trekker. 'Fierder.'

Hy troppet har in prop tusken de toskten.

Se gappet nei de siken, it dûzelt har, se sil de fuotten op 'e flier sette. 'Sa sitten bliuwe.' Hy lit de eagen net fan har ôf. Se besiket te ûntspannen. It draaien yn har holle wurdt minder, de benaudens saksearret. Hy is der ek by sitten gien. Syn gewear, masker en falhelm lizze tusken him en har yn op 'e tafel. Hy hat moaie ljochtbrune eagen en in kant gesicht. Net te bonkich en net te fleizich, hast ynnimlik, mar sûnder weakens. Hy ferronselt it platdrukte ljochtbrune hier, dat yn in pear slaggen oerein bliuwt. Hy hat in blauwe trui oan en dêr yn grutte griene sifers nûmer 80 op. Skande dat sa'n moaie stukkige fint in krimineel is. Sels syn stim hat, nettsjinsteande de kommando's, in net ûngeskikte klank.

Se sitte in hiel skoft foarinoar oer, sûnder te bewegen en sûnder wat te sizzen. De sinne is fan de loft, it wurdt skimerich yn 'e kajút. Gjin wjerspegeling fan wetter mear. De eachlike jongkeardel sjocht har lyk yn 't gesicht, sûnder in spier te ferlûken. No en dan jout er even omtinken oan it skipsklokje boppe de doarkes. Sa't it liket, wachtet er erges op. It weromkommen fan Peter Dripstien? Hat dy it sa spile? Joech er him dêrom sa ynienen ôf en moast se dêrom hjir allinnich bliuwe en de boel iepen litte? Salang't se inkeld mei nûmer 80 is, kin se noch ien troef útspylje. Aanst is dy kaart ferjûn.

Se docht de knibbels útinoar, foarsafier as de ankelboeiens dat talitte. Se skoot it ûnderliif nei foaren ta, se leit hast plat. Mei twa boeide hannen tagelyk kin se de rok in bytsje omheech lûke, it broekje wat delstrûpe. 'Kom deryn,' soe se op har smachtsjend sizze wolle. 'Ik sil dy mei iepen skonken ûntfange.' Mar se hat in prop yn 'e mûle. Hy lit him net nûgje. Hy bliuwt de moaie modelmisdiediger. Hy knippert net iens mei de eagen. 'Rjochtop sitte,' hjit er har. Se jout om sizzen. Se set gjin prikken mear yn it wurk en lit de dingen op har berin. Hy bliuwt koel en ûnoantaastber.

It tsjustert oan yn de kajút. De ferkearslûden ferstomje, it wurdt hast folslein stil bûten. Inkeld in tinkeljen fan it túch yn de wyn. Dan in oankommend motorbrommen op 'e kade. Koartby hâldt it stil. Nûmer 80 giet stean en stelt him neist de doarke op, de rêch tsjin it beskot, it gewear yn beide hannen. In jomp op it dek, hastige stappen. De doarke flappe iepen en in iishockeyspiler komt deryn. 'In pak fan myn hert,' ropt er út, as er Dynte sjocht. Hy keart him ta syn maat, dy't achter him stiet. 'Man, ik haw woarteltsjes swit, dat it misbetearre soe.' En tsjin Dynte snaut er: 'No giest foar de bile.' Hy hat ek in plastic masker foar, mar oan syn praat heart se daliks wa't it is. Chick Anus. Nûmer 297 stiet him op it boarst. In heech getal, dat sil wol in leech plak yn de kriminele pikoarder wêze. Hy set him neist Dynte op it bankje del. 'Even in azemholdert,' pûst er. 'Sjit op, do bist al te let!' seit nûmer 80. 'Okido.' Chick komt oerein. 'Hast it ferfier regele?' 'Alles yn kennen en krukten.' 'Gean dan nei de auto. Start de motor en doch de klep iepen.' 'En do?' 'Ik rêd mei har.' 'Pas op mei dat slet yn har sopjurk,' warskôget Chick. 'Dy is net fan juster. Linke sop.' Hy stapt boppedeks. Nûmer 80 docht it masker foar, set de helm op en ûntfermet him dan oer Dynte. Earst lûkt er in pak seildoek ûnder it bankje wei dêr't er op sitten hat. Hy teart it út en spriedt it oer rêchleuning en sitting. Dêrnei tilt er har samar op, leit har oer it doek, triuwt har knibbels del en begjint har der stiif yn te berôljen. Se akselt tsjin, mar it jout neat. Hy slacht de flappen oan holle- en fuottenein ticht en bewuollet har fierder. Se hapt nei de siken as in fisk op it droech. It swit slacht har út, de sliepen bûnzje. Hy slingert har oer it

skouder, nimt syn gewear en ferlit de kajút.

As in mummy wurdt se yn de reesteande auto skood. Hy makket de flap oer har holle los. Se hapt nei de siken. Hy knikt en stapt yn de kabine. Chick Anus lûkt de achterklep del en komt neist har. De auto set gong.

Se leit op 'e rêch en kin troch it traaljewurk noch krekt de achterholle fan nûmer 80 sjen. Underweis moat se it kweakbekjen fan nûmer 297 oanhearre. Hy sit har oanhâldend mei syn bryk praat te bestoken. 'Wat tinkst wol, ik lit my net betongerje. Bist in hierke besûpt. Dy maftsjettel fan in freon fan dy krije wy ek noch wol.'

Lang om let mindert de auto gong, it dindert noch even oer in ûnsljochte dyk, dan steane se stil. Chick Anus triuwt de klep iepen, nûmer 80 kriget har by it hollenein sûnder de flap ticht te slaan. Tegearre tûge se har mei. It is net fier te gean. Se steane foar in grut griis gebou mei in koepel. Dynte is noch helder genôch om it te werkenen. It oerdekte iisstadion, súdlik fan Ljouwert.

Nûmer 80 iepent mei in kaai in lytsere doar yn ien fan de poarte-doarren. Chick kin it net litte en sis har it leksum op. 'Tochtste my bedotsje te kinnen? Ik bin net op myn efterholle fallen.'

Se stappe troch it doarsgat, komme yn in gong, rinne troch katakomben. Har stappen klinke hol en lûdgolven fan in klappend, mûlgûlend, razend, jûchheiend, stampfuotsjend publyk brekke tusken de muorren. Der is in wedstriid oan 'e gong. Slûch ljocht falt troch begriemd glês fan lytse lampkes op 'e hoeken.

Se berinne in sel mei inkeld in sitplanke tsjin de muorre. Gjûn finsterke, in buislampe jout in blauwich skynsel. Dêr wurdt Dynte út de doeken dien en op de planke delset. De doar slacht ticht. Heal ferdôve, yn in sangerjende pine, wachtet se har lot ôf. It oangean fan it publyk heart hjir suniger. Nei ferrin fan tiid falt it stil.

In moai skoft letter giet de doar iepen. Nûmer 80 komt deryn. Hy hat

gjin helm op en gjin masker foar. Hy klickt de boeiens om har fuotten iepen, lûkt har oerein en lit har los. Se stiet wankel op 'e skonken, as moat se wer rinnen leare. Dan docht se in pear stappen. Hy set har de loop fan it gewear tusken de skouderblêden en driuwt har de sel út de katakomben yn. Ien kear weaget se it en sjocht achterom.

Hy ferlûkt gjin spier, sûnder te ferblikken driuwt er har foar him út. Se komt ûnder in fuotbrêge troch, dan is se ynienen yn in grutte hal. Fjouwer skynwerpers smite ljocht oer in iisflie. Ringsom lege tribunes mei reklamebuorden, op de stuoltsjes fertrape blikjes en ferroppe pûden.

De linen fan it spylfjild binne yn it iis te sjen, de doelen steane te plak. Mar dwers oer de midden is in stiel en kabel spand. En dêroan fêstbûn sitte tsjustere figueren, krekt as Dynte mei in prop yn 'e mûle. Sy moat ek it iis op. Yn it foarbygean sjocht se de gesichten fan de oare ûngelokkigen. Alde kunde út de fleuriger tiden fan kommedykepers. Rûtsjeshimd, Boarstelhier, Montere Blessearre en Mûs, it pikemantsje. En dêrneist de skrielfiter fan It Bonkerak. Dan bestjert se it. Se komt by resinter kweakunden lâns. Boargemaster Henk-Jan-Willem van Pompom en de muontsen Leonardus, Nikodemus en Teodosius. Dy sitte ek oan de line fêst. As lêste it lichaamlik wrak en geastlik oerskot fan ien dy't sa tatakele is, dat er anonym bliuwe moat. Se knikt troch de knibbels, jout it oer, kin net mear. Nûmer 80 bynt earst de ankels mei in tou, foar't er har de hannen losmakket. Mar dy wurde daliks sa stiif oan de kabel bûn, dat se net iens hinne-en-wer skowe kin. Hy rjochtet de rêch en sjocht op har del. Heel even stoarje se inoar oan. Hy parset de lippen en slokt ien kear. Dan keart er him om en jout him ôf.

Der komme gjin spilers mear op it iis en de tribunes bliuwe leech, mar de lampen geane net út. In ivichduorjende sit. De kjeld krûpt har troch de klean yn it liif. Soms brekt in fersmoard kreunen de stilte.

Soms trillet de kabel as deroan skuord wurdt. Boppe de tribunes oan de lange kant hingje tiidbuorden mei ljochtsjende ferspringende sifers. Iishockey, de fluchste teamsport fan 'e wrâld. Dizze wacht is de starichste.

13



In soele nacht. Hy begjint te switten. Noch foar't er by de sânreed is, stapt er ôf en leit de fyts yn de ûnderwâl. Hy set de lûddôver op de karabyn, hâldt it wapen yn de iene en in bûslampe yn de oare hân. Foarsichtich, him dûkend, giet er de bosk yn. It is dêr net folslein tsjuster, de healmoanne ljochtet wat by. Nei in loopke sjocht er tusken de beammen troch in string lampions hingjen. Boskmûstil set er deropta.

Twa fammen swimme neistinoar yn in marke. Skaadbylden yn it dofglânzjende wetter. Tagelyk komme de boppeliven omheech, de earms swaaie yn dûkflecht nei foaren, de rêgen kromje har, in waaier fan brûs spat oer de tranteljende fuotten. Sa flinterslagje se op in wâlstoep ta. Tagelyk tikje se oan. Even bliuwe se, steunend op 'e hannen, mei de bûk oer de râne hingjen. Dan jouwe se har fierder oerein. Se skodzje it hier út, drippend steane se op de wâlkant. Ien speaket de earms, har lytse boarsten huverje even. Se draait har om en de oare rost har de rêch mei in baddoek.

(tsjak. pou.) Twa minuskule klakjes út de karabyn.

De fammen knikke oerside en sige op de wâlstoep del. Nier komt tichterby. Roerleas lizze se, út har billen bliede roazeknopkes iepen. Hy hat se goed rekke.

Nier glûpt fierder troch de bosk. Hy sil earst alle nimfen delsjitte moatte, dy't er op syn paad nei Déa tsjinkomt.

Oars sille dy him op 'e hûd falle as er har it hingerke ôfstrûpt.

Hy heart nûnderjen, fernimt in dof lûd fan springen, it komt tichterby. Hy dûkt yn it leechhout. In nimf hippelt him sûnder kweabetinken foarby, bliuwt ynienen stean, komt werom. Se giet nei in beamke ta, dêr't grutte reade blommen op it keale hout oan bloeie. Se klammet de blossom tsjin de lea, tusken de skonken. Wylst wy ús ferlustigje, hat Nier oanlein. (blop.) Griljend knibbelt se, krôlet om it beamke en fersloppet. Hy bûcht him oer har hinne. In drip bloed pearlet har út 'e flank. De gazelle-eagen binne healsletten.

Hy giet fierder de kant fan de muzyktinte út. It liket wol, oft de fammen hjir de hele nacht opbliuwe. Hy moat dûbel foarsichtich wêze. As er ûnder in âlde iik troch glûpt, bongelt him ynienen in skonk foar de noas. In moaie lange skonk, dy't yn in nimf einet. Yn de foarke fan in leechhingjende tûke sit se te sliepen, de oare skonk oplutsen, mei de holle op 'e knibbel rêstend. Se slept troch syn meneuvels hinne, ek as er oanleit. (Snak.) Se trûzelt út de beam. Hy heint har sa goed en sa kwea as er kin en lit har sachtsjes oer de grûn glide. Dan wyldjaget er fierder.

By de muzyktinte is it ljochter. Dêr hinget in oaljelampe en hy hat frij goed sicht. Mar syn paad wurdt damme. Op it trepke sitte trije graasjes. Violet, yn 'e midden, lêst foar, Lila en Mauve harkje nei har. Wat giet it him oan it hert om dizze sierlike linige moaikerts stiif te sjitten. Mar it kin net oars. Omwille fan ien, dy't him noch neier leit. Hy hat no in mastereftich skotfjild en fjurret ôf. Noch suniger as in smoard kichje. (Kits. Kits. Kits.)

Rûngear falle de nimfen foardel, de hannen foar de bûk, dêr't er har yn rekke hat. Noch even steane se op 'e holle en de knibbels, dan sakje se oerside en slute de pearse eagen.

Hy stapt tusken de stille lea en it foarlêsboek troch. 'DE MACHT VAN AMERIKA EN DE NIEUWE MANDARIJNEN' fan Noam Chomsky. Nachtlektuer foar sokke fammen.

Hy sil de iepensteande doar fan de oanbou al yngean, as er knarsen heart. It komt by de tennisbaan wei. Fluch lûkt er him werom ûnder de beammen. Hy slûpt op in ligusterhage ta. Dêrachter leit de gravelbaan yn in bleek skynsel. De hage is sa ticht dat er der net trochhinne loere kin. Hy teantet nei in doar fan izergaas en speurt om it hoekje. Tsien meter fan him ôf stiet in faam. Se hat him net yn 'e smizen. Har hannen rêste op de trekstange fan in swiere rôler. Se is dwaande om de tennisbaan te sljochtsjen. It reade gravel plakt oan de rustige silinder. Hy is in tûke sjitter, mar dit kin er net aventoerje. Mei de foet triuwt er de doar iepen, mei de karabyn yn 'e oanslach set er op har ta. Se wachtet him op, sûnder lûd te jaan, de mûle in bytsje iepen. Se steane each yn each, minder as twa meter fan inoar ôf. In lange tinne tûf slûk hier hinget har foar it brunige gesicht, de folle fochte lippen yn glânzje.

Hy sjit yn 't wyld wei trije kear. (deng, deng, deng.) Se slacht tebek, as troch in wynpûst troffen. Har fingers spriede en litte it hânfet fan de trekstange los. Op 'e hakken gliert se foarút, de fuotten stompe tsjin de rôle. Achteroer klapt se del, leit stil.

Hy stoot werom achter it beskûl fan de ligusterhage en giet werom nei de muzyktinte. Dy beglûpt er no fan de oare kant. Ynienen bliuwt er stean en mikert, kin syn eagen net leauwe. Tusken de beammen, fêstmakke oan stammen, wigelje twa hingelmatten. Hy bekoarret him net lang, stoot deropta. Ynlik omearme lizze fjouwer fammen, twa by twa, te koezjen. Hy ferdjippet him net yn it skou-spul. No of noait. (zjik, dzjif, pifk, flizj.) De hingelmatten skommelje omraak op tommelgolven, mar gjinien fan de nimfen kipert oerboard. De boaten dynje út, wylst sy al wer roerleas trochgean mei koezjen. Sisa, de folgelingen binne útteld, Déa sels is oan bod.

Hy rint nei it trepke fan de muzyktinte. Syn paad is beflourre mei Lila, Violet en Mauve. Dy lizze der krekt sa by, as er har achterlitten

hat. Dat jout him toch wat foldwaning. Jonges, Nier Hinnebruier hat hjir west! Mar fierder stiet er der net by stil.

Hy triuwt mei it skouder tsjin de doar fan de oanbou, de karabyn sjitree. Hy sjocht inkeld in tsjuster gat, knipt syn bûslampe oan. It skynsel tyspelt oer de lewant. Dêr fangt it Déa. O wûnder, se leit te sliepen op in striematras, mei de rêch nei him ta. Hy slûpt tichterby, se wurdt net wekker.

Mei lijen skuort er him los fan har goadinnestal. Hy mikt op har bil. Stiif hâldt er de loop flakby en hellel de trekker oer. (wizzzp.)

Déa soe Déa net wêze as se har samar derby deljûn hie. In skok giet har oer de lea, se jout har op in earmtakke oerein en rikt nei de pile-bôge, dy't boppe har tsjin de wand hinget. Har hân hat de skacht al beet. (ssstruk.) Starich lit de hân los, sakket by it lewant del, falt har slop op it liif. De earmtakke skoot ûnder har wei, se draait in fearnslach, leit op 'e rêch. De lea skokke noch even, dan beweecht se net mear.

Hy springt ta, raamt nei it hingerke oan it keatting om har mul. Hy rekket har hûd oan. De fingers trilje him, as er it slotsje los-heakket. Hy omklammet it en haastet him nei bûten ta. Hy giet op itselde plak stean as Déa, doe't dy de lûken fan it skûlplak iepene. It hingerke hâldt er tusken tomme en wiisfinger, rjochtet it op de tichtstbye pylder fan de muzyktinte, drukt op it knopke.

Hy hâldt de azem yn. Ja, it giet oan! Omdat er it earder meimakke hat, is it diskear gjin ierdferskowing, mar in fersakkinkje. Sân rûgelt by de starich nei ûnderen draaiende lûken del. De tagong nei de skûlkelder gappet. Hy knipt de bûslampe wer oan en giet it dûnkere gewelf yn.

De Lagonda Drophead Coupé glimket him al ta. Hy stapt yn en rydt sûnder muoitepine by de skeante op. Hy lit de motor stasjonêr draaie, slút de lûken en skopt der noch wat sân oerhinne. It slotsje stekt er by him, de karabyn en de bûslampe leit er neist him yn 'e auto. Dan jout

er gas en rydt troch de bosk nei de dyk.

Underweis moat er dwerspeallen foar brângongen fansiden tille. It kost allegear tiid, mar sels dy obstakels leit er wer teplak. Inkeld de bannespoaren wisket er net út, dat is tefolle frege.

Tsjin twaen swaaier er fan de dearinnende wei de grutte dyk op. Dit hat er toch mar moai derôf rêden. Mar Dynthe is dêrmei noch altyd net befrijd.

Al in ein hinne, moat er midden yn 't nimmenslân ôfremje en stilstean. De brêge oer it Prinses Margrietkanaal stiet iepen. Hoe is 't godsmooglik, farre hjir nachtboaten? No ja, hy hat it noch wol oan tiid. As it mar gjin lange sleep is, dat kin er net goed sjen. Achter him hâldt de bestelwein fan in jildtransport, dy moat ek wachtsje.

Ut it brêgewachtershokje komme twa mannen oansetten. Tagelyk springe fjouwer út de bestelwein. Foar't Nier der erch yn hat, is er al bestoarme troch seis iishockeyspilars. De nûmers 22, 35, 37, 62, 74 en 93. Se skuorre him de kabine út. Hy kriget in hou, dy't him de plasse midstwa spjalt.

As er bykomt, hat er in wiete broek. Hy sit op iis, de polzen achter de rêch fêstbûn. Oan in kabel. Kin se net bewege. Fuotten ek net. Holle in bytsje. Nekke kreaket. Sjoch dêr, boppe. Buorden mei sifers. Nee letters. Treppen, rigen, stuoltsjes. Rûn dak. Stasjon. Stadion. Dêr, oerside. Nekke knapt. mannen oan kabel. Mannen. Dy, dy, dy, dy. Noch mear. Folle mear. Oare kant. Nekke knerpt. Mannen. Oare mannen. Dy en dy, dy. DYNTE. DYNTE Kin dy net berikke. Dy net beroppe. Sit fêst. Kom om dy...

De haadtribune strûpt derûnder. Fan alle kanten streame iishockeyspilars ta en nimme in sit op de stuoltsjes. Se hawwe de helms op, mar hâlde de maskers yn 'e hân. Chick Anus, dy't it heechste nûmer hat, mei helendal achteroan sitte. Foaroan, yn de earelôzje, sette in triumfiraat en in frou har del. Sipma, nûmer 1, de primus inter pares.

Neist him nûmer 2, Motz Antares. Hy sit op 't hoekje, sadat syn stive knolfoet op in tred fan de trep rêste kin. Tusken har yn Miz, de eksoatise sierpoppe fan Motz. Har nûmer wurdt wei tusken de aggressive puntboarsten. Oan de oare kant de knappe kop fan nûmer 80, dy't nei in bliksemkarriêre ta nûmer 3 befoardere is.

Hegerop de mindere mannen, op folchoarder yn rigen fan tritich. As elkenien te sit is, jout Sipma him oerein. Hy komt nei foaren, kriget in mikrofoan en keart him ta syn ploechmaten.

'Freonen! Ik sil it koart ôfbrekke, want ús wachtet grutskaliger wurk. Wy ferfarre nei it westen. Wy hawwe ús learskoalle yn de provinsje hân, no sille wy ús yn de Rânestêd wiermeitsje. Mar foar't wy om utens geane, sille wy skjûn skip meitsje. Wy weevje ôf mei yndividuen, dy't ús swierrichheden tabrocht hawwe. Itsij troch ferrie, itsij troch meiferantwurklikens oan moard, itsij troch geslachtlik ferkear, itsij troch ôffalligens, itsij troch alles byinoar. In ôfreakken mei ús provinsjale ferline.'

Hy kriget in swart skyfke, hâldt dat rjocht omheech, dan nei links en rjochts, en ferfolget syn taspraak.

'Wy sille yn styl bliuwe. Dizze puck is in tiidbom. Dy giet presis om tolve oere ôf. Dan sitte wy al lang en breed yn Hollân, ús nij wurkterrein.'

Hy trêdet oer it iis nei de middensirkel, leit de puck plechtich op 'e stip. Dan stapt er werom en rjochtet him ta de spilers.

'Freonen, men moat jins fijân altyd mei iepen fizier temjitte gean. Dêrom hawwe wy ús maskers foarweidien. No't wy ús fijân de rêch takeare, sette wy de maskers wer op.'

Hy jout sels it foarbyld. Allegear dogge se it him nei. It duorret even, foar't elkenien syn masker foar hat.

'Freonen, dit wie myn sizzen. Bûten steane de spilersbussen ree om ús nei ús nij plak fan bestimming te bringen. Wy winskje inoar in

gouden takomst en stappe no op.’

Oarderlik rint de tribune leech. Fiif minuten letter is der gjin spiler yn de sporthal mear, de katakomben binne ferlitten en de auto-bussen ride fuort.

Op de tiidbuorden springe lûdleas de sekonden wei. Ien skynwerper is oanbleaun. Yn de ljochtsirkel op it iis sitte tolve minsken. In tichtstoppe mûle set noch in smoarde klacht. Fêstbûne hannen jouwe noch fergees in skuor oan de strakke stieltrie.

Oan de iene kant Dynte, dy’t har troch in nostalgise ympuls ferliede liet om in foargoed ferlern gelok te achterheljen. Oan de oare kant Nier, de klassike sliepstruier, dy’t blynwei syn eigen ferdommenis temjitte gyng. Morfeus yn de ûnderwrâld.

14

Wy hawwe Sjappy wol út it each ferlern, mar net út it hert. Wy lieten him fjochtsje, fotografearje en frije. Dêrnei hawwe wy him gewurde litten. It wurdt heech tiid en bemuoï ús wer mei him.

As strjitfotograaf hat er in skraal bestean. Moarns al op 'en paad, de gânse dei yn de stêd omsjouwe, jûns nei winkelsluting op hûs oan. By syn fuortwêzen is syn ûnbewenber ferklearre wente troch in dakleaze nadere. Sûnt slept er yn in yllegaal opslein tintsje yn it Vosseparkje.

Hy dangelt wer troch Ljouwert, op 'e siik nei in willich fotomodel. Hy sjocht der earmoedich út. Allinne de bitternoas en smokershoast binne noch oantinkens út rynsker dagen.

De fuotten liede him nei de Prinsetún. Faaks fynt er dêr in mem, dy't har berntsjes op 'e foto sette litte wol. In stik krantepapier waait foar him út. It grint krieziet ûnder syn ôftrape skuon. Dêr is de fiver. Gjin beukerke dat de einen fuorret. Dy hokje byinoar op 'e wâl, de snaffels tusken de fearren stutsen. Hy giet by in stoepe op nei it ljochtgrize gebou fan it Keunstsintrum. Hy lûkeaget en stiet ferstuivere stil.

TENTOONSTELLING VAN 101 NAVELS. In grut wyt spandoek mei reade letters hinget oer de yngong. Hy rint derûnder-troch en lêst it affysje neist de doar. 'NIEUW! KOMT DAT ZIEN! UNIEK! NAVELFOTO'S VAN DIRK SLAGMAN. 1 AUG. - 19 SEPT. 1975. KUNSTCENTRUM PRINSENTUIN, LEEUWARDEN.'

Ja, ja, sa leit de wrâld derhinne. In Hollânse koryfee wurdt mei in

soad bombaarje yn helle. Hy, Sjappy, in oprjochte Fries, kriget yn it heitelân gjin poat oan 'e grûn. Hy moat folkloristise keunst leverje. Syn útstalling wie de earste, de echte! En ferbean boppedat! Al hast in healjier lyn. Dirk Slagman hat syn idee pikt. Dy pronket no mei oarmans fearren.

Sjappy fingert de lêste kwartsjes út de fuorring fan syn jas en keapet in kaartsje by it loket. Hy giet by twa treppen op nei de tentoanstelingsseal. Troch hege finsters strykt in noarderljocht oer de foto's. Hûndertien swart-wyt close-ups fan in frouljusbûk mei de nâle yn 'e midden. Fakwurk, dat wol, mar folle deadsker as sines. En syn froulju wiene helte moaier! Der is net ien by, dy't tsjin syn pronk-stikken meunsterje kin.

Fjoer fan grammoedigens lôget heech yn him op. Hjir stiet er, in miskende yn eigen provinsje. Mei rûnom frjemde kâldgnyskjende nâlen. Hy gnúft om him hinne. Nimmen yn de seal, gjin fuotstappen op 'e treppen. Hy klaut in knyft út 'e bûse en giet de foto's bylâns. Ritsrats kervet de punt in spliterich krús oer elke bûk. Skeind bongelje de liven oan de muorre. Hy stekt it knyft yn 'e bûse. Noch ien kear eaget er syn spoar fan fernieling oer. De nâlen gnyskje net mear, se skombekje fan 'e raffels. Hastich roffelt er by de treppen del. Bûtendoarren drafket er oer it lege terras fan de teeskinkerij. Dêrby rekket er in taffeltsje, dat omklettert. Hy is sa fatsoenlik en set it oerein. As er opsjocht, hâldt er him de lea stikken.

Twa plysjes komme op him ta. Hy ken se daliks wer. De âld rot en de jonge hoanne, dy't er earder sa raar te pakken hân hat. Se hawwe boargerklean oan, want se binne foar in útdei yn 'e stêd. Mar tsjinst of gjin tsjinst, no sille se persoanlik wraak nimme. Se hawwe diskear ek in fjoerwapen by har. Dat lûke se noch net, mar se roppe al tagelyk: 'Ho, of ik sjit!'

Sjappy bliuwt net stean. Hy fljocht de hoeke fan de teeskinkerij om,

stoot tusken de strewellen troch, lit him yn de ûnderwâl rôlje, klaut in ein fierder omheech, glûpt achter it museum lâns, snjit hoasfuotlings it park út en de Grienewei oer.

In túndoar stiet iepen. Hy poatet troch in omflapt blomperk in achterhûs yn en wâdet der foar wer út. In frommes is oan it gongdweilen. Se kin fan nijs oan begjinne. Krekt as se de festibule wer in bytsje himmel hat, drave twa plysjes op modderskuon by har lâns. Se kletst de dweil tsjin de amer en giet derby sitten.

Sjappy stiet op 'e skûl yn in portyk. De plysjes litte it net sitte, dêr binne se al wer. Hy is bang dat er ynsletten wurdt en set de sokken wer deryn.

Boemsty! Hy botst tsjin in timmerman oan, dy't in ljedder en in transistor tûget. Yn de konsternaasje ferliest er terrein op syn efter-folgers. Hy sjocht in healiepen finster mei in gaasramt derûnder. Hy skoot it fierder omheech, klattert oer it finsterbank en triuwt it achter him ticht. De fingers fan de timmerman grimelje dertusken.

Hy koertst troch it hûs, mar treft gjin hynstekop. Wer stapt er ta in foardoar út, komt yn in winkelstrjitte. Gjinen set him nei, hy hat syn efterfolgers ôfskodde. It is it bêste, dat er him foarearst mar net yn it sintrum fan de stêd sjen lit. Wa wit, rint er se dan wer yn 'e bek. Syn fototastel hinget him om 'e nekke, it botst him iderkear tsjin it liif.

Hy ynspektearret it. Der mankearret gelokkich neat oan. Hy sil hjoed mar in frijdei nimme.

Noch wol op syn iepenst skonket er nei de bûtenwiken en giet noch fierder de stêd út nei it boerelân. Oan de ein fan in reed mei stobbewylgen oan wjerskanten giet er sitten. Foar him leit it Swettekanaal. Der komt in noflike rêst oer him, hy fielt him in fisker sûnder angel.

Fierderop, in eintsje fan de ôfdiggele wâl ôf, driuwt in flot fan beamstammen. Dêr stiet in dûkelhalzige man op, sa meager as in sateepin. De knoarren fan skouders en earmtakken stekke him troch it bleek-

blauwige fel hinne. Syn iene hân hâldt in skoboom, like knodzich as hysels. De oare omfettet in barsterich komke. Hy hat inkeld in muldoek mei de kleur fan snert om. Op it flot stiet ek noch in riprap fan potten, pannen, strieblommen, kistkes, latten, tou, netten en in bryk sekreet. In lyts flotsje is oan it memmeskip fêstmakke. Dêr sit in hin yn it strie op.

‘Kyp, kyp, kyp,’ keakelt de boathippy.

Sjappy ken him wol. In lotgenoat, ek sa’n figuer dy’t oan de râne fan de maatskippij libbet.

‘Heula, Pery Fery!’ ropt er.

De flotskipper jout syn libbene have gjin omtinken mear, set it komke del. Hy bemikert Sjappy, brimt in rachel op, spuit de tsjokke griene kwalster lânsside en knikt.

‘Goeie.’

Sjappy giet nei him ta, hannen yn ’e bûse.

‘Wat dochsto hjir sa bûtenút?’ seit Pery Fery.

‘De plysje sit my nei,’ andert Sjappy.

‘Hast it wer ferbruid?’

‘Ik sit hjir moai út ’e reek.’ As er nei de stêd omsjocht, besaut er him. Yn de fierte komme twa hyns oer de reed oandraven. Hy kin de beriders net botte dúdlik ûnderskiede, mar genôch om te witten wa’t it binne. Syn efterfolgers hawwe har kavalisearre.

Hy nimt in oanloop, springt op it flot, dûkt it sekreet yn en lûkt de doar ticht. ‘Set my oer!’ raast er.

Pery Fery stiet fersteld en ferset gjin poat.

‘Toe no man! Set my oer!’ raast Sjappy.

‘Ik set noait oer,’ seit Pery Fery. ‘Ik bliuw altyd oan diskant.’

‘As de soademiter! Foar in kwartsje!’

‘Ik jou net om jild. Ik wol guod. Dyn fototastel.’

‘Bist belazere! It taske, mear net.’

‘Earst sjen.’

Sjappy stekt it taske om ’e hoeke fan de doar. ‘Goddomme, sjit op!’

‘Top,’ seit Pery Fery. ‘Wat is der mei dy?’

‘Hynsteplysjes!’ balt Sjappy.

‘Ik sjoch gjin plysjes.’

‘Hynsteplysjes yn boarger! Se moatte my ha!’

Pery Fery krijt gau de kloet en boomket omraak.

It wetter klotsket tusken de beamstammen troch. Pannen rammelje, it sekreet kreaket. De hin op it eigen flotsje begjint heislík te keakeljen. It bist fladdert op, saait oer it wetter en strykt by de plysjes del.

Dy binne fan ’t hynder stapt en steane mei arguseagen te sjen. ‘Hjir komme!’ roppe se om beurten.

Pery Fery docht it net. Hy is al fier oer de midden en skrept him in stiselbult om de oare kant te befarren.

‘Werom, of ik sjit!’ kommandearret de jonge hoanne.

Pery Fery boomket as in waansinnige. Hy is al hast by de reiden. De plysje man lûkt syn revolver en jout in warskôgingsskot. In snjit wetter spat op, lyk neist it flot. Pery Fery doar de plysjes net langer te fergjen. Hy bûnzet op it sekreet. ‘Derút!’ Dan stjit er de kloet sa djip as er kin, set him skrep, hâldt it flot tsjin en komt sels hast bûtenboard te hingjen.

Sjappy smyt it hûske iepen en springt yn de reiden. Hy beklaut de igge, knoffelt by de wâl op en giselt fuort.

‘Stean bliuwe!’ In knal, út de berm sjit in modderklute omheech. Wer in warskôgingsskot.

Sjappy fljocht op de tagong fan it iisstadion ôf. Hy stoot tusken twa loketten troch en komt op it foarplein. Mar dêr hat er helendal gjin dekking. Hy siket in better hinnekommen.

Foar in legere útbou stiet er stil. Syn lêste krachten oansprekkend,

klattert er by in reinwetterspiip op. Even bliuwt er mei it liif oer de râne hingjen. Dan hyst er him fierder omheech. Op it platdak leit grint. Dêr stekt in finster boppeút. Under it glês leit in reaster. Hy trapet it rût finaal stikken. De diggels falle op it izergaas. Hy lûkt it reaster omheech, leit it fansiden en gluorket troch it gat. De flier is trije meter ûnder him. Hy omklammet it finsterkezyn, lit him sakje en komt mei in mislearre sprong del. As er oerein klaud is, sjocht er tusken lege tribunes troch de iisbaan.

Yn it ljocht fan in skynwerper sitte trettjin minsken, fêstbûn oan in kabel. Ien fan harren is Dynte. Oan de oare ein sjocht er Nier.

Hy fitert op syn freonen yn need ta. Sa't it in man past, springt er earst de froulike helte by. Mar hy begjint mei it ferkearde, har polzen. Hy knibbelt neist har, kriget syn knyft en fiket de byntouwen troch. Underwilens stjit Dynte rare lûden út. Se pûleaget ôfgrysliek, skodhollet ferheftich. En Sjappy fiket mar troch. Fan alteraasje heart er it tikjen yn de puck net iens.

Einlings hat er har hannen los. Se roppet sels de prop út de mûle, wiist en raast. 'In bom! Noch ien minút!'

Sjappy lit it knyft falle. No fernimt er it tikjen ek. Hy pakt de puck, eaget gysten om him hinne.

Bûten knettert in salvo. It slot fan de haadyngong rattelt, de doar swaait waachwiid iepen. Twa plysjes mei revolvers stappe deryn.

'Ut 'e wei!' ropt Sjappy. 'Ik haw in bom!'

'Dy grap ha wy al withoefaak heard,' seit de âld rot.

As in rugbyspiler mei de bal tsjin it boarst klamme, sa prebearret Sjappy de plysjes foarby te kommen. Hy makket skynbeweging nei skynbeweging. Mar se oermasterje him en hâlde fêst. Noch krekt kin er de puck oer it iis nei Dynte sliere.

Dy hat har mei it knyft fan de ankeltouwen befrijd. Se pikt yn de flecht wei de bom op en stoot bûtendoarren. De plysjes binne sa mei

Sjappy besteld, dat se har net keare kinne.
Se fljocht nei de wâlkant ta. Boppehâns smyt se de puck fier fan har
ôf yn it wetter. Noait hat in ûnderseeske kearnproef heger fontein
opsuite.

15

‘Wel,’ seit ynspekteur A.A. Kliksma fan de Fryske Geheime Plysje, ‘dat wie it dan. It misdiesyndikaat is nei Hollân ôfset. Dêr sil der wol mei ôfreckene wurde. Dat falt bûten ús wurkterrein. It wie ek ús bedoeling om Fryslân te suverjen fan kriminele eleminten. Wy moatte inkeld de moard op Eameliter noch oplosse. Mar it hat gjin prioriteit mear, no’t de konneksjes dúdlik binne en de binde om utens gien is.’

Hy hâldt de noaspunt even tusken tomme en wiisfinger en lûkt der in pear kear oan. Sûnder dat syn bloedearmoedich gesicht út ’e ploai komt, giet er fierder: ‘De muontsen hawwe har skuldich makke oan frijheidsberôving, gizeling en ôfparsing. Se tochten mefrou Planteit foar in lospriis by Eameliter persoanlik oan jild te meitsjen. Mar se hawwe ûnbedoeld meiwurke oan it fertrek fan de binde. Doe’t se de twadde kear te witten diene dat se har yn gizeling holden, wiene se yn ’e macht fan de hearen. Dêrom sille se net ferfolge wurde. Sjappy komt der mei in skrobbearing foarwei. Ferset tsjin it foechhawwend gesach.’

Hy wachtet even en seit dan: ‘Wy sizze by dizzen tank oan de boargemaster. Hy hat de saak oan it rôljen brocht mei gefaar foar eigen libben. Sûnder syn bemuoienissen wie alles net sa flot ta in ein brocht. Jim kinne no allegear nei hûs ta. Allinnich mefrou Planteit en hear Hinnebruier moatte noch even wachtsje.’

Behalven Dyntaxe en Nier ferlitte de oanwêzigen de ferhoarkeamer.

Leonardus, Nikodemus, Teodosius, Sjappy, Van Pompom, Rútsjeshimd, Boarstelhier, Montere Blessearre, Mús, It Bonkerak en in man fan kop ta tean yn wynsels.

As se de keamer út binne, seit Kliksma: ‘Ik warskôgje jim. Altyd oan hals en earen ta yn swierrichheden, dêr’t wy jim út rêde moatte. Wês no toch ris foarsichtich. It mankearret jim oan serieuzens.’

Nier slacht in hân om Dynte har skouder.

‘Dat is krekt ús rêding,’ seit er.

Dêr giet de ynspekteur net op yn. ‘Jim wein stie by de brêge oer it Prinses Margrietkanaal. Dy hawwe wy hjirhinne helle, hy stiet no op it binnenpleintsje fan it buro. Hjir is it kaike. Jim meie bliid wêze, dat de binde him net foar flechtauto meinommen hat. O ja, Déa ex Machina hat om jim frege, se belle my. Jim moatte daliks by har komme. Dat wie myn boadskip. Jim kinne gean.’

Nier lûkt in toet, mar seit neat. Dynte ek net. Se ferlitte it plysjeburo en rinne hân yn hân by de blaustiennen stoepe del nei it binnenpleintsje. Dêr stiet de Lagonda Drophead Coupé yn syn hele hear en fear. Se sette har op de learen stuoltsjes del. Nier sjocht syn karabyn en bûslampe net mear. Dy sil de binde by de oerfal wol nadere hawwe. No ja, dêr kin er sûnder.

Mar hy hat al field, dat it hingerke fan Déa net mear yn syn bûse sit. Dat is helte slimmer. Dizze boetedwaning skopt him raar yn ’t liif om. Mei in swiere mûtse op rydt er nei it nimfewâld by it Alddjip. Hy set de auto sa djip mooglik yn de bosk del. Se berinne it iepen plak by de muzyktinte. De izeren lûken fan de ûndergrûnse garaazje binne skjinfage. Hy sjocht it swurk driuwen.

Déa en har fammen komme har al temjitte. Se eagje fiks en feardich, sûnder skrammen. De natoer helet alle wûnen.

‘Soa,’ groetet Déa, wylst se har daliks ta Nier keart. ‘Dêr ha wy

ús held.’

‘Ik koe net oars,’ seit er.

‘Wêr hast ús mei fol sketten?’

‘Pirimidrine, in ferdôvjend middel.’

‘Wêrom?’

‘Ik moast Dynte befrije.’

‘Ferklearje dy neier.’

‘Dynte waard fêstholden. De lospriis wie myn auto.’

‘Wy hiene deroer ûnderhannelje kinnen.’

‘Dêr wie gjin tiid foar.’

‘No hast Dynte en dyn auto beide.’

‘Ik haw gelok hân.’

Se hâldt de hân op. ‘Myn hingerke, asjebleaft.’

Hy bekloppet de bûsen, mar wit dat it der net yn sit.

‘Haw ik net mear. It is my ôfpakt.’

‘Troch wa?’

‘Wit ik net.’

‘Ik easkje foldwaning. Foar it skeinde fertrouwen.’ ‘Hoe bedoelst?’

‘Ik moat wat fan dy ha dat dy dierber is.’ ‘Wat dan?’

‘Dyn auto.’

‘Dat mienst net.’

‘Silst noch wol sjen wat ik mien.’

‘Wannear krij ik him dan werom?’

‘Noait.’

‘Wat silsto mei in auto? Kinst der net iens mei ride.’

‘In offer om ús fertrouwensbân wer te meitsjen.’

‘Wurdt myn auto yn dyn skûlplak opbierre?’

‘Hy wurdt ferneatige.’

Nier keart him nei Dynte, dy’t har oant no ta besiden holden hat. ‘Sis do ek ris wat.’

Se glimket. ‘Ik lit my der net oer út. Mar ik fyn ’t moai, datst dyn auto foar my oer hiest.’

‘Dan moatte jim no even meikomme.’ bestelt Déa.

‘Myn fammen binne allegear op ’e hichte, mar de bosk hat earen.’ Se rint mei Nier en Dynte nei de oanbou fan de muzyktinte en docht de doar ticht.

‘Wat ik no sis, moat geheim bliuwe.’ Se sjocht Nier oan.

‘Ik hoopje dat diskear it fertrouwen net fersketten wurdt.’

En dan seit se plan-út: ‘Peter Dripstien hat Eameliter fermoarde.’

Se besauwe derfan.

‘Eameliter wie syn heit.’

‘Hat er syn heit fermoarde?’ bringt Dynte út.

‘It wie toch syn eigen heit,’ seit Déa. ‘Soesto sa’n heit ha wolle?’

In pynlike stilte.

Déa ferfettet: ‘Peter wie mâl mei syn mem. Se rekke hastich wei.

Eameliter hie har fergiftige. Mar se hawwe him noait feroardielje kin-
nen. Mei syn heit koe Peter as hûn en kat. Hy is fan hûs fuortgien en
hat syn mem har achternamme oannommen. Hy sleat him oan by in
kommune fan maatskippij-kritise jongelju. Letter is er yn de polityk
stapt. Hy hat in soad foar it behâld fan ús bosk dien. As hy der net
west hie, wie dit al helendal in attraksjepark wurden, gjin plak mear
foar ús. Hy makke lange reizen mei syn syljacht. In pear moanne lyn
besocht er ús. Doe hat er hjir ûnferwachts syn heit sjoen. It ferline
wâle yn him op, hy hat Eameliter deastutsen.’ In gril giet Dynte oer de
lea en Nier kriget in kikkert yn ’e kiel.

‘Hy hat Eameliter deastutsen,’ werhellet Déa. ‘Mei in pylk fan myn
bôge. Nei de moard socht er taflecht by ús. Op dat stuit wiesto hjir,
Nier, mar do hast neat fernommen. Ek net dat Eameliter himsels
noch in ein foarút sleept hat en op de bumper fan dyn auto delsiigde.
Wy hiene it lyk de bosk yn tôgje sillen. Mar dat mislearre, want do

staptest út en foddest dermei om. Doesto nei de dyk rûnst, koene wy it opromje. Wy ha de deade bedobbe. De binde, dêr't Eameliter ta hearde, mocht de moard net wiiswurde. De plysje likemin. Dat like te slagjen. Mar justermoarn kaam de plysje hjir mei hûnen en se hawwe it lyk fûn. Om dy tsjin fertinking te hoed-zjen, soe dyn auto foar de doer fan it ûndersyk yn ús ûnderierdsk skûlplak bliuwe.

Dat wie de ôfspraak.'

Nier suchtet en Dynte knikt begripend.

'Sûnt juster hat Peter alles regele foar in definitive flecht nei it bûtenlân om út 'e hannen fan de plysje te bliuwen. Net mei syn boat, dat soe tefolle yn it each falle. Mar justerjûn wie de plysje hjir wer. Doe haw ik him opbelle en warskôge.'

'Ik haw juster noch by him op 'e boat west,' falt Dynte har yn 't wurd. 'Hy moast ynienen fuort!'

Déa skuort in pear eagen op. 'Kensto him?'

'Fan tsien jier lyn. Ik wie syn jeugdleafde.'

Dat wist Nier al, mar Déa sjocht der fan op. 'Mmm,' seit se en falt even stil. Se giet nei de doar ta. 'Wy wachtsje no ôf. Wat jim witte bliuwt tusken ús.'

'De ynspekteur sei dat de saak Eameliter no gjin prioriteit mear hie,' merkt Nier op.

'Dat docht gjin bliken.'

Se geane nei bûten ta. De fammen geane by Déa stean.

'It offer fan dyn auto,' seit se tsjin Nier.

'Wêr is dat no foar nedich?'

'Gjin protest. Omdatsto it net dochste sille wy it dwaan.'

'Ik bin oan myn auto hechte.'

'Sentimintelens is in teken fan swakkens. Dyn auto sil ferneatige wurde. Tania, bliuw do hjir mar even by Dynte. Do hast de measte hinder hân, Nier hat dy it faakst rekke.' De nimf fan de tennisbaan

bliuwt stean. Sy en Dynte geane op it trepke fan de muzyktinte sitten. De oaren rinne mei Déa en Nier nei de Lagonda Drophead Coupé. As se der binne, bestelt Déa: 'Stap yn en ryd achter ús oan.' Nier docht it. Hy fielt him helte ûngelokkiger as doe't er de oare kears de auto nei it skûlplak ried. It giet nei de springskâns foar skyers ta. By de steile hichte steane se stil.

'Nei boppen ride,' wiist Déa.

'Dêr krij ik him noait by op,' akselt Nier tsjin.

'Wis wol. Kom, wy sille triuwe.'

Der is gjin helpen oan, hy moat by de stadige skeante foar begjin-
nende springers op.

In stigingspersintaazje fan tsien. De fammen binne suver yn in jubel-
stimming. In fersetsje!

Boppe-op de skâns is in breed platfoarm. Hy kin de auto swaaie.

'Utstappe, remmen los en deldonderje litte,' kommandearret Déa.

Nier set de wein foar deselde deldracht, as dêr't er by omheech riden
is. 'Sa goed?'

'Bist net wiis?' Se is ûnferbidlik. 'Dêr!'

Suchtsjend rydt er de auto nei it rântsjje fan de ôfgrûn foar betûfte
springers. Stigingspersintaazje fjirtich. Hy set it stjoer rjocht, stapt út
en makket de hânrem los.

Dêr giet it hinne. Déa en har fammen jouwe de auto noch in setsje en
de Lagonda Drophead Coupé rydt de fernieling temjitte. Earst spoart
er noch, hinget dan oer, balansearret op twa tsjillen, slacht oer de
kop, skaait fansiden en dondert rolleboljend nei de bedelte. Under-
weis fleane bouten, moeren, doppen, triedden, diggels, slangen alle
kanten út. Understboppest bliuwt er yn in stofwolk lizzen. Krekt in
tredderangs film.

'Folslein nei de barbysjes.' oardielet Nier, as it stof sakke is en se ûn-
deroan by it karkas steane.

‘Wy rêde de bringst wol op, dat der neat mear fan te sjen is,’ seit Déa monter.

Se geane werom nei de muzyktinte. Dynte sit noch altyd mei Tania op it trepke te klassinearjen. Se komt oerein en freget: ‘Is it slagge?’ ‘Ja,’ andert Nier, ‘total loss.’

‘Dan wol ik no nei hûs.’

Se stappe op. Déa en har nimfen bringe har nei de râne fan de bosk. Dynte en Nier sette op de bushalte oan de dyk ta. Se treffe it net. Nefens de tsjinstregeling op it buordsje fan de peal is de bus krekt foarby. Se sille hast in oere op de earstfolgjende wachtsje moatte.

‘Wy kinne likegoed even in fyts by Al Pino liene,’ stelt Nier út. ‘Hy wennet hjir koartby en dan binne wy noch earder thús.’

De died op it wurd. Se geane nei it meditatyf sintrum tusken Hoarnstersweach en Sparjebird. It is wol in noflike loop sa te gearre yn ‘e foarjûn. Se binne beide skansearre, mar net brutsen. De pine fan heeljende wûnen is goed te fernearen. En se binne byinoar, dat helpt. By de foardoar bliuwe se stean, Nier tikket mei de klopper.

Al Pino docht sels iepen. ‘Sjoch ris oan, jim binne mei jim twaen. Kom fierder.’

‘Wy meitsje it net lang,’ seit Dynte. ‘Oare kear graach. Wy wolle no nei hûs.’

‘Kinst ús noch in fyts liene?’ freget Nier.

Al Pino fernuvert him net sa gau erges oer. Dat is syn fak. Hy is helpferliener. ‘Mei alle wille in hokfol,’ andert er. ‘Kom mar mei.’

Bûtenom rinne se nei it fytsehok. Se hawwe kar út in ferskaat oan modellen. Nier kriget in hege beppefyts. ‘Gean do mar achterop sitten,’ seit er tsjin Dynte. ‘Ik sil wol traapje. Do bist mear knoeid as ik.’

‘Dat is leaf fan dy.’ Se set har yn dwerssit op de pakjedrager del. De fyts is in goeie kar. Se hoecht de skonken net sa heech op te lûken,

dy dogge har noch sear.

Se ride nei Ald-Appelskea. As se net fier fan hûs mear binne, wurde se opkeard. In plysjewein stiet yn 'e berm. Tusken de beammen is in plak mei readwyt-blokte plastic linten ôfset.

In plysjeman hâldt har op ôfstân. 'Hjir wachtsje,' seit er.

'Hâld do de fyts even.' Nier wachtet net en rint by him lâns, wylst de man mei Dynte besteld is.

In pear aginten binne yn it beamkeguod dwaande. Nier praat in skoft mei ien fan de mannen en komt werom. Hy sjocht foardel en skodhollet.

'Wat is der oan?' wol Dynte witte.

'Se hawwe in lyk fûn.'

'In moard?'

'Nee,' seit er. 'Selsmoard.'

'Witte se al wa?'

It duorret even foar't er it seit. 'Peter Dripstien. Hat him ophinge.'

Dynte lit de fyts falle. Dy klettert oer de dyk. Se docht in stap nei

Nier ta en triuwt har gesicht tsjin syn skouder. 'In echte dichtersdea,' prevelt er.

Hy slacht in earm om har hinne. Súnstjes seit er: 'Better in ein mei skrik as in skrik sûnder ein.'

* *
 *

R.R.

